Syntaksis,
kolleezjejier 2020-2021

Doelen
Wa't dit fak folge hat,
- kin korrekte sinnen meitsje yn it Frysk;
- ken in protte ferskillen tusken de sinbou fan it Frysk en besibbe talen;
- ken in protte gebrûklike en minder gebrûklike syntaktyske en morfologyske mooglikheden fan it Frysk;
- wit wat op it mêd fan sinbou as goed en ferkeard Frysk beskôge wurdt;
- wit hoe't er regelmjittige en ûnregelmjittige tiidwurden yn it Frysk brûke moat;
- kin sinnen ûntlede;
- ken de Fryske en Nederlânske termen foar it ûntleden;
- ken de belangrykste neislachwurken om ynformaasje oer Fryske sinbou yn op te sykjen;
- kin oan oaren útlizze wêrom't beskate sinnen goed of ferkeard Frysk binne;
- kin grammatika oan oaren útlizze.

Materiaal
By dit fak brûke wy de folgjende materialen:
- Popkema, J. (2006), *Grammatica Fries*. Utrecht: Spectrum;
- Wolf, H. (2018), *Basisboek syntaxis*. Groningen: Kleine uil;
- artikels, filmkes en opdrachten op www.henkwolf.nl;
- dizze reader.

Wurkwize
It fak wurdt dit jier folslein online oanbean. De link nei it online-lokaal is te finen op www.henkwolf.nl/cursusmateriaal (ûnder 2020-2021) en op de Blackboardcourse Bachelor Frysk (yn de map 'Dokuminten 2020-2021).

Perioade 1 stiet yn it ramt fan eigenskippen fan de Fryske sinbou dy't fan belang binne foar de eigen taalfeardigens fan studinten en foar har ûnderwiis. It kolleezje foarmet hieltyd in ynlieding op it ûnderwerp. Nei ôfrin meitsje de studinten húswurk. Dat wurdt de wyks dêrop bepraat en dan wurdt der wer in nij ûnderwerp oansnijd.

Perioade 2 is benammen rjochte op de ûntleedfeardigens. Studinten dy't ek Nederlânsk folgje, kinne nei alle gedachten folstean mei it learen fan

de Fryske faktermne, mei't se by it fak Algemene basisgrammatica noch folle yngeander leare om sinnen te analysearjen.

Selsstúdzje
Do moatst ek in part fan 'e kennis sels opdwaan. Dêr moatst sels in plenning foar meitsje. It giet om:
- alle foarmen en de betsjutting fan alle ûnregelmjittige tiidwurden yn it Frysk (te finen yn bylage 4 fan Popkema);
- alle gebrûklike morfologyske en syntaktyske faktermen yn it Frysk (û.o. te finen yn bylage 1 fan Popkema).

Toets
Nei perioade 1 wurdt in toets ôfnaam oer de tapaste kennis fan de ûnregelmjittige tiidwurden. Dy toets is formatyf: der wurdt gjin sifer foar registrearre. Hy kin net oerdien wurde. In foldwaande toets kin wol yn in taalfeardichheidsportfolio opnaam wurde. Foaral foar studinten fan de fleksibele oplieding kin dat nuttich wêze.
Nei perioade 2 wurdt in skriftlike taalfeardichheidstoets ôfnaam. Dêr wurdt yn toetst oft studinten alle stof út it fak syntaksis en út taalfeardichheidsfakken yn 'e macht ha: reproduktyf, tapast en didaktysk. De toets is summatyf: it sifer wurdt registrearre en der is in twadde kâns. Studinten fan de fleksible oplieding ha it rjocht om op in oare manier te bewizen dat se beskikke oer foldwaande kennis en feardichheden. Se kinne dêrfoar in útstel dwaan oan de modulebehearders.

Plenning
1 septimber: ynlieding, diagnostyske toets.
húswurk: toets ôfmeitsje (as er noch net klear is)

8 septimber: tiidwurden 1
húswurk:
- Popkema 3.2.3 + 4.6 + 5.5.1 + 5.5.2
- reader s. 5-10: 'Infinitieven', 'Tiidwurden op -je en tiidwurden op -e', 'De helptiidwurden *gean* en *bliuwe'*, 'Problemen mei *wêze/wurde/gean*', *'Dwaen* en *litte'* (Tamminga)
- www.henkwolf.nl/grammatikafilmkes: filmkes '7. Wol of net in -n achter de ynfinityf', '8. Problemen by je-tiidwurden', '9. *Komme* as helptiidwurd', '10. *Gean* en *bliuwe* as helptiidwurd'
- opdracht út de les ôfmeitsje

15 septimber: tiidwurden 2
- Popkema 5.5.3
- reader s. 11-21: 'Naam dy mar leaver goed yn je op', 'Ik bin it forjitten',

'Lit ik of lit my', 'Hitende foarm'
- opdracht út de les ôfmeitsje

22 septimber: tiidwurden 3
- Popkema 5.5.4 + 6.3.5 + 6.3.6
- reader s. 22-23: 'Folchoarder fan de tiidwurden'

29 septimber: tiidwurden 4
- Popkema 6.2.4
- reader s. 24-25 en 52: 'Imperativus Pro Infinitivo (IPI)'
- opdracht út de les ôfmeitsje

6 oktober: haadwurden, eigenskipswurden, foarnamwurden, telwurden
- Popkema 4.1 + 4.2 + 4.3 + 4.4 + 4.5
- reader s. 26-39: 'It is in dregen baes', 'Wêrom de en it?', 'It tsjerke', 'De appelsop', 'Ien persoan oansprekke mei jim', 'De har-sykte', 'In foarname wurdsoarte', ' De man as foarnamwurd', 'Heal', 'Onmoeilijk en net folle'
- www.henkwolf.nl/grammatikafilmkes: filmke '1. Ferwiiswurden', '3. De -e fan it eigenskipswurd', '4. Veel en weinig yn it Frysk'
- opdracht út de les ôfmeitsje

13 oktober: fakânsje

20 oktober: bynwurden
- Popkema 4.9 + 6.2 + 6.3 (oant en mei 6.3.3)
- reader s. 40-45: 'Grien as blau', 'Bynwurden'
- www.henkwolf.nl/grammatikafilmkes: '5. As, of, oft, ofte, at'
- opdracht út de les ôfmeitsje

27 oktober: hollannismen yn de wurd- en sinbou
húswurk:
- Popkema 3.6 + bijlage 1, par. 3
- reader s. 46-58: 'Kom net hjir', 'De manier wêrop', 'List fan ferskillen tusken Frysk en Nederlânsk', 'Ik ha him sjoen rinnen', 'Oersetproblemen'
- opdracht út de les ôfmeitsje

3 novimber: formative toets tiidwurden

10 novimber: útrin en werhelling fan perioade 1

17 novimber: ûntleden 1
- Basisboek syntaxis, h. 1-3
- opdrachten meitsje en neisjen op www.basisboeksyntaxis.nl
- Popkema bijlage 1, par. 4

24 novimber: ûntleden 2
- Basisboek syntaxis h. 4-6
- opdrachten meitsje en neisjen op www.basisboeksyntaxis.nl

17 novimber: ûntleden 3
- Basisboek syntaxis, h. 7-11
- opdrachten meitsje en neisjen op www.basisboeksyntaxis.nl
- Popkema h. 6 ynlieding + 6.1

24 novimber: ûntleden 4
húswurk:
- Basisboek syntaxis, h. 12-13
- opdrachten meitsje en neisjen op www.basisboeksyntaxis.nl
- Popkema h. 5

1 desimber: útrin, werhelling en oefening fan perioade 1 en 2

8 desimber: ûntleden 5
- Popkema 6.2 + 6.3
- Basisboek syntaxis, h. 14-15

15 desimber: oefentoets

5 jannewaris: diskusje: Hoe komt it dat der sa'n soad syntaktyske ynterferinsjes yn it Frysk foarkomme en wat is dêroan te dwaan?

12 jannewaris: útrin / frage-oerke

19 jannewaris: summative toets taalfeardigens

Infinitieven

Dit is een stukje voor de liefhebbers. Wie er nog niet aan toe is om zo diep te graven, kan het gerust overslaan.

Het Fries heeft twee infinitieven: het eerste type eindigt op een -e. Dan is er ook nog een type dat eindigt op een -n. Wanneer gebruiken we nu de infinitief op een –n?

* Als het werkwoord als zelfstandig naamwoord wordt gebruikt:
– It iten smakket wer lekker.
– Ik waard wurch fan al dat praten.

* Als er voor het werkwoord “te” staat:
– Se besocht om him te helpen.
– Ik gean in eintsje te rinnen.

* Als het werkwoord in het bereik van een hulpwerkwoord van waarneming staat:
– Ik hear har sjongen.
– Hast him ek rinnen sjoen?

* Als het werkwoord in het bereik van de hulpwerkwoorden gean/bliuwe/komme staat:
– Bliuw mar rêstich sitten.
– Gean dêr mar efkes sitten!
– Se kaam op ús ta rinnen.

* Als het werkwoord in het bereik van “hawwe” staat:
– Se ha op ‘e Lemmer in boatsje lizzen.
– Wêr hasto dyn strikken hingjen?

In overige gevallen gebruiken we de infinitief op -e:
– Ik wol in eintsje rinne.
– Sille wy hjoed mar kuierje?
– Op ‘e kompjûter wurkje kin hiel ferfelend wêze.
– Ite? Hoe sa ite? Hast no al wer honger?
– Yn it frije fjild kinne wy de hûn wol efkes drave litte.

Tiidwurden op -je en tiidwurden op -e

It Frysk hat twa soarten regelmjittige tiidwurden. De iene soart einiget op -je en de oare op -e. By de -je-tiidwurden giet wolris wat mis. Tink dêrom om de folgjende regels:

Yn de notiid ('tegenwoordige tijd') fan -je-tiidwurden is de ik-foarm ('eerste persoon enkelvoud') gelyk oan it hiele tiidwurd.
Dus net 'Ik hoop datst komme kinst', mar 'Ik hoopje datst komme kinst, want 'hoopje' is in -je-tiidwurd.

Yn de doetiid ('verleden tijd') fan -je-tiidwurden stiet noait in **d** of in **t** yn de útgong.
Dus net: 'Hy regelde it efkes', mar 'Hy regele it efkes', want 'regelje' is in -je-tiidwurd.

Yn it mulwurd ('voltooid deelwoord') is de útgong noait **-d** of **-t**, mar meastal **-e**.
Dus net: 'Hy hat it regeld', mar 'Hy hat it regele', want 'regelje' is in -je-tiidwurd.

De helptiidwurden 'gean' en 'bliuwe'

Yn goed Frysk kinst 'gean' net altyd brûke as helptiidwurd ('hulpwerkwoord'). Dat mei allinne by de selsstannige tiidwurden 'sitte', 'stean', 'lizze' en 'hingje'. By oare wurden moatst dus wat oars betinke. Faak is it helptiidwurd 'sille' in goede oplossing, mar soms klinkt dat net en moatst dyn fantasy brûke. Soms kinst wol 'gean' brûke yn kombinaasje mei it wurdsje 'te'.

Foarbylden:

Jan gaat liggen.	Jan giet lizzen.
Ga daar maar zitten.	Gean dêr mar sitten.
Ze gaan trouwen.	Se sille trouwe.
We gaan fietsen.	Wy geane te fytsen. ('Wy sille te fytsen' kin ek.)
Het gaat regenen.	Wy krije reinwetter.

Yn goed Frysk kinst 'bliuwe' net altyd brûke as helptiidwurd. Dat mei allinne as de kombinaasje fan 'bliuwe' mei it selsstannige tiidwurd in stilstân útdrukt. By oare wurden moatst dus wat oars betinke. Faak kinst der wol útkomme mei ien fan de wurden 'troch' en 'fierder', mar soms moatst dyn fantasy brûke. Soms kinst wol 'bliuwe' brûke yn kombinaasje mei it wurdsje 'te'.

Foarbylden:

Jan blijft liggen.	Jan bliuwt lizzen. ('lizzen bliuwe' = stilstân)
Blijf maar even staan.	Bliuw mar efkes stean. ('stean bliuwe' = stilstân)
Ze blijft maar praten.	Se praat mar troch.
Blijf je bij ons eten?	Bliuwst by ús te iten?
Hij blijft maar doorgaan.	Hy giet mar troch.

De tiidwurden 'gean' en 'bliuwe' kinne yn goed Frysk wol foarkomme as selsstannich tiidwurd.

Foarbylden:

Ik gean moarn nei Amsterdam ta.
Giesto ek mei?
Wy bliuwe hjoed lekker thús.
Bliuwe jim wol by mem?

Problemen mei wêze/wurde/gean

Yn de Fryske skriuwtaal mei net alles wat yn de sprektaal mei. In pear belangrike regels steane hjirûnder.

1. By it mulwurd ('voltooid deelwoord') *west* heart altyd in foarm fan it helptiidwurd ('hulpwerkwoord') *hawwe*.

Ik ben in Leeuwarden geweest = Ik ha(w) yn Dokkum west (net: bin west)
Jij bent ziek geweest = Do hast siik west (net: bist west)
Waar zijn jullie naartoe geweest? = Wêr ha(wwe) jim hinne west? (net: binne west)

2. It mulwurd fan *wêze* is op skrift altyd *west*.

Hij is bij de vergadering geweest = Hy hat by de gearkomste west (net: weest)

3. De doetiid ('verleden tijd') fan *wurde* hat altyd in aa-klank. Dus:

Ze werd tot burgemeester benoemd = Se waard as boargemaster beneamd (net: wurde)
Waar werden jullie geflitst? = Wêr waarden jim flitst? (net: wurden)

4. De doetiid fan *gean* is *gie* of *gyng* of *gong*. Yn it meartal ('meervoud') komt dêr -en achter.

Ik ging weg	=	Ik gie/gyng/gong fuort (net: gûng/goeng/gon/...)
Jij ging weg	=	Do giest/gyngst/gongst fuort
Hij ging weg	=	Hy gie/gyng/gong fuort
Wij gingen weg	=	Wy gienen/gyngen/gongen fuort
Jullie gingen weg	=	Jim gienen/gyngen/gongen fuort
Zij gingen weg	=	Sy gienen/gyngen/gongen fuort

It mulwurd is *gien* of *gongen*: Ik bin fuortgien/fuortgongen.

Ut: Tamminga, D. (1963), Op 'e Taelhelling. Boalsert: Osinga.

14. DWAEN EN LITTE

Troch de radio galme lêsten in silerslietsje, dêr't ta trije kear ta dizze rigel yn foarkaem: ‚Hwant dit *docht* elk silersherte *klopjen*.' Hoe soe it komme, ha wy ús doe ôffrege, dat sok Frysk jin as sân en jiske ûnder de tosken knarst? Lit ús dêr ris in antwurd op bisykje to jaen. Fansels, dat dizze rigel yn sa'n floatich ferske net yn jin del wol, komt ek mei fan dat ûnmooglike wurd ‚silersherte' mei syn fiersto plechtige útgong op *-e*. Mar de tsjinnichheit dy't men kriget yn sok stiif en ûneigen taelgebrûk sit him dochs binammen yn dy konstruksje ‚docht klopjen'. Soks mei, alteast yn in bipaelde styl, yn it Ned. gebrûklik wêze (‚haar blik *deed* zijn hart sneller *kloppen*'), yn it Frysk gniist it iene om it oare.

Hwat is it gefal? Wy hawwe hjir to dwaen mei in sinkonstruksje dy't útdrukt dat it ûnderwerp fan de sin (= ‚dit') it foarwerp (= ‚elk silersherte') de hanneling (= ‚klopje') forrjochtsje lit. Men neamt sa'n sinforbân wol *kausatyf* of oarsaeklik. Der hat in tiid west dat sa'n oarsaeklik forbân oanjown wurde koe mei tiidwurden dy't troch lûdwiksel ôflaet wiene fan oare tiidwurden. Dy tiid is foargoed en al lang foarby. Yn it Ned. meije wy der noch ris in blinkje fan sjen (b.g. drinken-drenken, vallen-vellen), yn it Frysk moat de histoaryske taelkunde der al oer gear, om ús de pear dy't oerbleaun binne oan to wizen. Hwa-minske fielt sûnder kennis fan âldere taelfoarmen noch oan dat ‚sette' in kausatyf is fan ‚sitte' en ‚fiere' allyksa fan ‚farre' (dat tige fan âlds ‚gean' bitsjut hat)?

It Frysk fan hjoeddedei hat hiele oare prikken yn 't wurk om sa'n oarsaeklik forbân oan to tsjutten. Wy hawwe dêrfoar in mannich helptiidwurden, dêr't ‚dwaen' en ‚litte' de foarnaemsten fan binne. Just jawol, ornearret licht in lêzer, dus dat niissajust noch forhúnde wurdtsje ‚dwaen' is der dochs wol by! By hege útsûndering en dan noch yn tige steatlike styl, ja dan al. Mar it is oppassen mei dy knaep, hwant sa produktyf as yn it Ned. is er lang ende lang net. By in folksskriuwer as Waling Dykstra kin men nei lang sykjen ris in sin oantreffe as: ‚Dat *docht* my hast de moed *forliezen*' en by in net fier fan de folkstael ôf steande dichter as O. Postma de dichtrigel: ‚Dy âlde rook de siele *triljen die*', algemien gongber is soks dêrom noch net. In út de folksmûle opheinde sizwize lyk as: ‚Brea *docht wenjen*' mei dan in soad op sa'n kausatyfkonstruksje lykje, yn wêzen is it earder in elliptysk sintsje dat likernoch sizze wol: ‚De bisteansmooglikheden dogge it, dat men hjir bliuwt to wenjen'.

Oer it algemien kin wol sein wurde dat it brûken fan ‚dwaen' as helptiidwurd fan de kausatyf yn hjoeddeisk Frysk in krebintich keal is mei twa koppen. Miskien hat dat wol ris oars west. Miskien hoege wy yn in dichtrigel fan Gysbert Japiks lyk as: ‚*Dog* dyn hynzer *rinne*' (Godsfreone Moarnliet) noch gjin út it Ned. oernommen konstruksje to sjen, ek al komt de foarm ‚rinne' y.pl.f. ‚rinnen' jin net botte eigen oan. Miskien wie it de foarige ieu noch gewoan, om alteast to s k r i u w e n: ‚Lit ús by gelegenheit op 'e learde mannen wize, dy't de skienheit der fryske tael romme, lit ús it folk *opmerken dwaen*, hoe fier sokken de forsmaders der tael yn kunde to boppen geane . . .' (Harmen Sytstra). Miskien moatte wy yn nou noch gongbere, mar folslein isolearre forbiningen lyk as ‚bliken dwaen', ‚writen dwaen', ‚(gjin) lichten dwaen', ‚(to) witten dwaen', dêr't de tiidwurden ‚blike', ‚write' (= skuorre), ‚lichte' en ‚witte' yn weiskûle sitte, wol oerbliuwsels

sjen fan in eartiids faker foarkommend gebrûk, mar ek dan bliuwt it in forâldere konstruksje.

Wòl modern Frysk binne fansels sinnen lyk as: ‚Jan *die* oars neat as *razen*; *Bitelje docht* dy dogeniet noait; *Hâlde doch* ik fan de literaire boarterij dy't parody neamd wurdt (De Tsjerne); *Ofwize doch* ik dit ûnmachtich en sinister bidriuw fan in anonime blast . . . (ibidem); Lit oaren dêr op *smeule* en *dwaen*' (fersrigel Waling Dykstra). Mar by al soks hat ‚dwaen' yn 'e sin in biskriuwende of forswierjende funksje en bislist gjin oarsaekliken-ien.

En dochs, ûnder ynfloed grif fan it Ned., bigjinne fan dy kausative konstruksjes mei ‚dwaen' as hantlanger mar danich yn krante en tydskrift op to spyljen langer. Hja kinne mei rjocht en reden hollânismen neamd wurde en meije dêrom wol ris oan 'e kaek. Twa foarbylden meije hjir folgje:

‚In tobekgong op 'e biroppeljedder *die* tagelyk it oansjen fan 'e lytse boer yn 'e mienskip *dale*' (Fryslân Oerein! '58). ‚Dit stik *docht* ús sterk *tinken* oan bipaelde propagandastikken fan tweintich, tritich jier forlyn' (De Tieme).

Hoe't it dan moat yn dizze en soartgelikense gefallen? Om in kausatyf oan to jaen hat ús tael foar alles de help fan it tiidwurd ‚litte', dus net fan ‚dwaen'. It sprekwurd seit it ommers al: ‚As *dwaen* net doocht is *litten* better.' In mannich foarbylden mei Frysk en Ned. njonken inoar kinne dat faeks fordúdlikje. Hjir moat efkes foaropsteld wurde dat yn 'e Ned. sinnen ek ‚laten' brûkt wurde kin, mar it Frysk lit ‚dwaen' hjir perfoarst net ta.

‚De clown *liet* it sirkus *daverje* fan 't laitsjen (De clown *deed* het circus *daveren* van de lach); It stjelpich reinen *lit* de hiele risping *mislearje* (De stortregen *doet* de gehele oogst *mislukken*); De rjochters *lieten* de moardner foar harren *forskine* (De rechters *deden* de moordenaar voor zich *verschijnen*); Hy *lit* my fan gesicht oan jo *tinke*' (Hij *doet* mij naar het uiterlijk aan u *denken*).

Bihalven dizze hat it Frysk noch wol in pear middels om kausatyf forbân oan to jaen. Ien dêrfan is mei help fan ‚meitsje':

‚De fûle froast *makket*, dat de wetterlieding *springt*; De binaudheit dy't *makke*, dat him it swit *útbriek*, wie op syn gesicht to lêzen; In djip birou hat *makke*, dat er syn skuld oer alle boegen *tajoech*; Al dat geheister *makke*, dat it bern *wekker waerd*; Dou *makkest* my *oan 't laitsjen*; It fortriet fan har mem *makke* de bern *oan 't gûlen*; Syn tsjinslaggen *makken*, dat de boer *oan 't sûpen en setten rekke*.'

In twadden is de konstruksje mei ‚dwaen', mar dan faek folge troch ‚it', dat in bysin oankundiget:

‚De heabroei *docht* it, dat der gauris brân *útbrekt* op in pleats; Kwealaster *die* it, dat de man syn goede namme *kwytrekke*; Ungerêstens *hat* it *dien*, dat it Keamerlid de minister in rige fragen *stelde*.'

Lit ús, mei dizze trochsichtige foarbylden foar eagen, noch efkes tobektaeste nei de sin mei dat brike ‚die dale' út it studinteblêd Fryslân Oerein! Sil sa'n sin hwat kant op fuotten stean, dan kin men twa kanten út: a) ‚In tobekgong op 'e biroppeljedder *makke*, dat tagelyk it oansjen fan 'e lytse boer yn 'e mienskip *daelde*' (of better wurd: *sakke*); b) ‚In tobekgong op 'e biroppeljedder *die* it, dat tagelyk it oansjen fan 'e lytse boer yn 'e mienskip *sakke*.'

Wy kinne út it boppesteande dus opmeitsje dat ‚dwaen' as helptiidwurd fan de kausatyf it Frysk fan nou net botte eigen is. Syn wjergea ‚litte' hat it bidriuw

hast alhiel oernommen en ‚dwaen' fan 't sté krongen. De yn 'e skriuwtael wer opkommende *dwaen*-konstruksjes binne to witen oan ynfloed fan it Ned. Dochs is der noch ien gefal to neamen, dat nuver genôch it Frysk ‚dwaen' hat, wylst ús Rykstael ‚laten' to baet nimt, ntl. yn 'e oanhef fan somlike brieven. As men yn it Ned. skriuwt: ‚Hiermede *laat* ik U *weten* . . .', dan is dat yn itige Frysk sje-sa: ‚Hjirmei *doch* ik jo *to witten* . . .' Sa sjocht men wer, dat in tael him noait twinge lit yn in riuwliif fan grammatikale foarskriften.

15. DWAEN IS IN DING

Ja just, lêzer, jo kenne dat solide sprekwurd wol, ek al stiet hjirboppe allinne mar it sturt-eintsje: Sizzen is neat, mar dwaen is in ding. Mar bihalven in ding is ‚dwaen' ek in wurd, dus in stikje tael. En dan in wurd dêr't gâns fyn forfrissele taeleigen omhinne ranket, weelderich en oerdiedich suver en tagelyk libjend as in hart. Né, wy sille net weromkomme op de kausative funksjes (sj. haedstik 14), dy't by party fan ús kranteskriuwers oanlieding jowe ta hollânismen. Ommers, wy kinne mei ‚dwaen' mear kanten út. Net allinne dat ús wurd al heech bijierre is (yn it Aldfrysk kaem it al foar mei de nammefoarm ‚dua': útspr. *dwa*), mar oan ús tiid ta hat it ek altyd in wakker warbere idioomfoarmer west.

Tink earst mar ris om dy eigenaerdige Fryske predikaetsfordûbelingen yn sinnen lyk as: ‚Jim moatte net altyd sa *tsiere* en *dwaen*; Hy *wrotte* en *die* fan moarns ier oant jouns let; Us mem *hûshimmelet* en *docht* sa'n hiele maitiid; *Hat* se net jierrenlang har sike heit *oppast* en *dien*?'

Yn al sokke fordûbelingen hat ús tiidwurd de funksje fan forsterking en jowt it tagelyk de langere dûr fan 'e hanneling oan. As wy it efkes op syn sneins sizze meije: de njonkenskikkende tafoeging ‚en dwaen' jowt de sin sawol in *yntensyf* as in *duratyf aspekt*. Al komt er ek yn it hjoeddeisk Grinslânsk foar, it hoecht jin der net fan werom to hâlden dizze konstruksje typysk Frysk to neamen.

Faeks is it de lêzer wol ris opfallen dat dit ‚dwaen' yn guon gefallen de prefigearre foarm ‚bidwaen' oannimt. Goed forstean, it hat dan neat to meitsjen mei it út oarder wêzen fan ús spysfortarring! Né, it foarheaksel *bi-* komt der allinne by as it eigentlike predikaet mei itselde préfiks bigjint. B.g. sa: ‚Hwat sille se yn 'e gemeenterie nou wer *biprate* en *bidwaen*?; Syn hân wie hielendal *biblet en bidien*; Hwat dy twa dêr *bimûskopje* en *bidogge* mei joast witte; Hwat *bimaelst en bidochst* ek mei dy âld fyts! Ik koe net forstean hwat dat âld minske allegear *biëamele en bidie*.'

Oan de foarbylden docht wol bliken dat sokke sinnen mei ‚bidwaen' in sterke gefoelsynhâld hawwe; der wurdt hast altyd hwat mei útdrukt dat in krom forachting by de sprekker ûnderstelt. Hwat de foarm oangiet, hjir kin hast net oars as analogywurking warber wêze: it iene *bi-* ropt it oare op. Wol is it nuver dat dizze funksje fan ‚bidwaen' yn gjin inkelde grammatika biskreaun en yn gjin wurdboek neamd wurdt oant nou ta.

Tige apart is de funksje fan ‚dwaen' yn sinnen as dizze: ‚It waeit dat it sahwat *docht*; De hurddravers pûstten dat it hwat *die*.' Yn guon boeken fan Fryslân

Hitende foarm

Henk Wolf

De *gebiedende wijs* hyt yn it Frysk *hitende foarm*. En dy Fryske hitende foarm hat wat bysûnders. Lit ús foar't wy dêrop yngean, earst ris nei it Ingelsk sjen. At in tiidwurd in hitende foarm hat, dan is dy altyd gelyk oan de *ynfinityf*, dat is de foarm dy't yn it wurdboek stiet. Dus bygelyks *go* en *stop* en *wait*. Heel ienfâldich, no? Yn it Hollânsk is it net folle oars. De ik-foarm en de hitende foarm binne gelyk oaninoar, en dy binne wer gelyk oan de ynfinityf minus de útgong *-en* of *-n*. Dus *sta* en *stop* en *help*, om mar in pear foarbylden te neamen. Allinnich *zijn* hat de foarm *wees*, mar dy kinne wy ek as de hitende foarm fan *wezen* beskôgje, en dan is er wol wer regelmjittich.

No it Frysk. At in tiidwurd yn it Frysk in hitende foarm hat, dan is dat gelyk oan de ik-foarm. Dy ik-foarm is by tiidwurden mei de útgong *-je* (*dûnsje*, *helje* ensfh.) gelyk oan de ynfinityf. By tiidwurden mei de útgong *-e* (bygelyks *sitte*, *springe*) is de hitende foarm gelyk oan de ynfinityf sûnder de útgong: *Sit! Spring!*

Wat yn it Frysk no sa bysûnder is, is dat dy taal twa echte ûnregelmjittige hitende foarmen hat. Dat binne *Wacht!* en *Hark!* Guon Friezen kinne allinnich dy foarmen, oaren brûke se neist de regelmjitte foarmen *Wachtsje!* en *Harkje!* en wer oaren brûken inkeld mar dy regelmjittige foarmen, mar it feit is dat se yn it Frysk foarkomme.

By guon sprekkers is der lykwols wat mei dy twa nuvere foarmen te rêden. Sa kinne guon se wol as los wurd brûke: *Hark!*, *Wacht!*, mar se kinne der net in sin mei meitsje. Foar harren is *Hark nei jim mem!* of *Wacht op my!* ferkeard. Dan sizze se *Harkje nei jim mem!* en *Wachtsje op my!*. Wer oaren sizze dat se *hark* en *wacht* allinnich brûke kinne mei it wurdsje *ris* derefter, dus: *Hark ris!* en *Wacht ris!*

Wêr't de hitende foarmen *Hark!* en *Wacht!* weikomme, is net dúdlik. Soenen wy by *Wacht!* noch oan in Hollânsk lienwurd tinke kinne, by *Hark!* is ûntliening fansels gjin mooglike ferklearring.

Yn it Frysk is fierders noch apart dat Friezen lykje te twiveljen by tiidwurden mei in ûnregelmjittige ik-foarm. Ynstee fan *Ik jou* koe men yn 'e 19e ieu noch sizze fan *Ik jaan*. *Jaan!* en *Jou!* komme yn âldere literatuer beide wol foar as hitende foarm, al hat *Jou!* hjoed de dei it hear allinnich.

Aardich om te fernijen is noch dat it Fryske *sille* in hitende foarm hat. *Sil no braaf leare, fanke!* heart my wol goed oan. It Hollânske *zullen* hat gjin hitende foarm. **Zul/zal nu braaf leren, meisje!* heart o sa bryk.

Naam dy mar leaver goed yn je op

Henk Wolf

It Frysk en it Hollânsk ha wat bysûnders, dat ta noch ta nearne beskreaun is. Yn beskate gefallen ha dy talen nammentlik in hitende foarm (ymperatyf) yn 'e doetiid. Twa foarbylden:

(1) *Dy deis wiisde master de Grinzer stasjons op 'e kaart oan.* ***Naam dy mar leaver goed yn je op****, want by sokke stikken koenen je der donder op sizze dat je de oare deis in toets krigen.*

(2) *Als er dan van die donderkoppen aan de lucht kwamen,* ***hoedde je dan maar****, dan was er storm op til.*

At men de hitende sin brûkt yn in ferhaaltsje dat yn it ferline spilet en at er in warskôging, oanrikkemendaasje, oantrún of goerie útdrukt, dan kin sa'n hitende sin yn 'e doetiid stean. Mei in befel wol it net:

(3) **Romme dyn keamer op!*

(4) **Scheerde je weg!*

It stjirke jout oan dat sin 3 en 4 der net op troch kinne. De wurdsjes *mar leaver* en *dan maar* wize der ek op dat sin 1 en 2 net as befel bedoeld binne. Sokke wurdsjes wurde ornaris brûkt om oan te jaan dat in hitende sin net as befel bedoeld is. Ferlykje it gebiedende *Ga!* mei in sintsje as *Ga maar liever* of *Ga dan maar!* Wy neame sokke wurdsjes dy't de ynterpretaasje fan in sin útmeitsje 'modale partikels'.

Sin 1 en 2 lykje op it earste each in heel soad op sinnen lykas 5 en 6:

(5) *Hie dat dan doch ek wat flugger dien!*

(6) *Was dan ook niet zo lang blijven hangen!*

Sokke sinnen steane wol yn de Algemene Nederlandse Spraakkunst (ANS), it grutte grammatikaboek fan it Hollânsk. Se ferskille lykwols op twa belangrike punten fan sin 1 en 2:

Punt 1: Sin 5 en 6 binne nei de betsjutting gjin hitende sinnen, mar saneamde 'yrrealis-sinnen'; de sprekker sjocht út it hjir en no werom op it ferline en sprekt út hoe't saken yn dat ferline einliks oars ferrinne moatten hienen. Sin 1 en 2 drukke in oantrún, warskôging of sokssawat út en binne dus wol hitende sinnen.

Punt 2: At men sin 5 en 6 yn de notiid set, is de yrrealislêzing net mear mooglik. De sinnen wurde dêrtroch net mear te ynterpretearjen en kinne der net op troch. Sin 1 en 2 kinne lykwols sachs yn 'e notiid set wurde. Ferlykje sin 7/8 mei 9/10:

(7) *Neem ze maar liever goed in je op!*

(8) *Hoed je dan maar!*

(9) **Ha dat dan doch ek wat flugger dien!*

(10) **Wees dan ook niet zo lang blijven hangen!*

Lykas sein, oant no ta hat noch net ien der yn in grammatika fan it Frysk of it Hollânsk op wiisd dat doetiidsymperativen besteane. Wol binne der taalkundigen dy't útholden ha dat hitende foarmen gjin grammatikale tiid ha. Dêr binne hele teoryen oan ophongen om wurdfolchoarders yn Hollânske sinnen te ferklearjen. Dy moatte no fansels ris goed op 'e nij besjoen wurde.

Ut: Tamminga, D. (1963), Op 'e Taelhelling. Boalsert: Osinga.

mar al soe it út it Ned. stamme, lyk as syn bybihearrend tiidwurd ‚rije' (= eat mei in ‚rij' of in ‚rijskaef' sljocht strike), dan nòch moat sein wurde dat it ek libbet yn it Frysk. En dat al langer as in dei en in moarnsskoft. In sei-sprekwurd, dat al by Wal. Dykstra foarkomt en hwerfan de earste helte ek to lêzen is op 'e grêfstien fan in eartiids forneamd skûtmakker op 'e Jouwer, is sa: ‚Myn each is myn *rij*, sei Sjoukebaes, en 't skeelde mar in foet.'

17. ‚IK BIN IT FORJITTEN'

Op 'e buorren fan in doarp yn ús Súdwesthoeke hearden wy okkerdeis yn 't foarbyfytsen in skoalfamke sizzen: ‚O, ik bin dy jaertallen helemael forjitten!' De ûnnoazele útrop fan sa'n flarde kin immen dy't op taelwarjen út is op in stuit rare dwars komme to sitten. Sa'n simpel sintsje is ommers oars net folle as ien wylde pôlle taelûnrant, as men 't goed neigiet. Och, dat ‚jaertallen' en dat ‚helemael' mei noch hinnebruije. Goed opset twatalich ûnderwiis sil yn steat wêze dit soarte ûngerjochtichheden der by sokke bern út to krijen. Mar hwat der dan fan sa'n sin oerbliuwt is fansels noch net folle brets. Yn 'e konstruksje ‚ik bin it forjitten' sitte altyd noch twa taelkrinkels, dêr't it potlead fan de skoalmaster in reade streek by sette moat. It binne beide ‚flaters', dêr't ús Frysk fan hjoed-de-dei tige foar bleat leit.

It earste dat opfalt is de foarm fan it ôfslutend mulwurd: ‚forjitten'. Neffens al ús spraekkunsten en wurdboeken is it verbum ‚forjitte' in sterk tiidwurd mei de lûdwikseljende bûging: ‚ik *forjit*, ik *forgeat*, ik haw *forgetten*.' Ja mar houris, is dizze bûging by it praten alle Friezen like hiem? Is de Súdhoeke yn dit stik like bihâldend as de Klaei? Elk dy't súdlik fan Snits wol ris syn taelearen opstutsen hat wit wol oars. Yn dy kontreijen krije gâns tiidwurden dy't noard-oan noch sterk bûgd wurde de oanstriid om oer alle boegen of foar in part nei swakke foarmen oer to gean. Dizze déklassearring mei in forskynsel wêze dat him yn mear Germaenske talen oppenearret, it is en bliuwt foar it Frysk in skrale treast. De lytse groep sterke verba dy't wy noch oer hawwe út it fiere forline is in kostber stik erfsulver. As dat sulver bislacht en forwaret, moat it ús, de erven, dan net oandeare? Is it in wûnder dat guon yn dit forlies oan lûdforskaet en muzikale rykdom oars net folle sjen kinne as taelforflakking en taelforfal? Sille wy fan dit âlders erf noch hwat rêdde, dan wurdt it hege tiid dat it ûnderwiis dizze saneamde sterken, dy't har as ‚Halbstarken' oanstelle, ris hwat stiel yn 't bloed jaget.

‚Forjitte' heart dus ta de tsientallen tiidwurden dy't op 't heden op 'e wip steane om to déklassearjen fan sterk nei swak-sterk of swak. Foaral yn súdlik Fryslân is it yn 'e sprektael suver normael om to sizzen: ‚ik forjit, ik *forjitte*, ik haw *forjitten*'. En yn dit sok wurde altyd trije fan syn bounsmaten meisûgd, t.w. ‚jitte', ‚mjitte' en ‚sjitte'. Foaral it ôfslutend mulwurd hat it hjirby swier to forantwurdzjen. Sintsjes lyk as: ‚Ik ha de thé *ynjitten*; Hast de keamersflier al *opmjitten*?; Hy hat in hazze *oansjitten*' kin men om 'e súd as gongber folksfrysk by de dei lâns to hearren krije.

It is fansels, sokke oergongen nei swakke foarmen kin men forklearje út ynwindige analogywurking, ûnder ynfloed fan ynfinityf of noutiidsfoarmen ûntstien.

Faeks spilet de tael fan it lytse bern, dat gjin bien sjocht yn ‚ik brekte' of ‚ik rinde', hjir ek mei ûnder. Mar dêrom hoecht it jin net allegear goed to wêzen hwat de spraekmeitsjende mannichte yn dit stik fan saken gearsoarret! En dochs is it faeks foar guodden treastlik to witten dat dit potsje altyd al in 300 jier op it fjûr stiet to protteljen. Gysbert Japiks, hwaens tael ynfloeden sjen lit fan it Súdwesthoekster Frysk, wifke by dizze verba al tusken sterk en swak. Slimmer noch, fan ‚forjitte' komme by him alhiel gjin sterke foarmen foar. Sadwaende kin men yn syn ‚Tsjesck-moars See-eangste' dizze rigel tsjinkomme: ‚Greate Pier wier gled *forjitten*'.

Mar ek as wy it praet fan dat doarpsfamke nou ‚forbettere' hawwe ta ‚ik bin it forgetten', dan is dy konstruksje lykwols noch by de gatten ticht. Der sit noch in slim Hollânsk luchje oan. As men yn it Ned. seit ‚ik ben het vergeten', dan bidoelt men dat jin dit of dat út it ûnthâld wei is. Yn it Frysk kin men dan sizze: ‚It is my troch 't sin gien; it is my trochgien; it is my ûntsketten; it is my ûntkommen; it is by my wei; it stiet my net mear foar' of noch hwat oars miskien. Mar men kin ek sizze: ‚It is my forgetten'. Sadwaende is in foarm as ‚ik bin it forgetten', dy't de jongerein al gauris brûkt, in dúdlik en ûntalitber hollânisme. By ‚ik heb het vergeten' kriget it Frysk sa gau de knoei net wei, hwant as men forsomme hat in ding hjir of dêr mei wei to nimmen of men hat eat oars net dien dat al wêze moatten hie, dan kin men ek yn ús tael sizze: ‚Ik haw it forgetten.' Men kin jin dus yn goed Frysk in sin foarstelle lyk as dizze: ‚It jonkje *hie* net *forgetten* de boadskippen mei to nimmen, mar *it wie him forgetten* hwat er yn 'e winkel helje moast.'

Mar hjirmei binne wy noch net fan dat forjitlike jonkje ôf. As men to kennen jaen wol dat jin it ien of oar altyd heuge sil, dan kin dat yn it Ned. sa: ‚Ik zal het nooit vergeten'. Yn it Frysk wurdt dat dan: ‚It sil my noait forjitte.' It singeliere is nou, dat men yn sa'n gefal ek dit hearre kin: ‚Ik sil it noait forjitte.' Sjoch, en dat lêste strak en stiif foar in taelsûnde oanmerke, sil foar it taelgefoel fan de measten wol to fier gean. Dêrfoar is it faeks to algemien yn gebrûk of men brûkt it sels to faek. Forgelykje ek ris dizze beide sinnen: ‚*It sil my* noait *forjitte*, hwat ik yn '30 ris bilibbe ha; *Ik sil (it)* noait *forjitte*, hwat jo foar myn âlden dien ha'.

By ús tiidwurd binne noch in pear nijsgjirrige dingen op to merken. Bihalven de niisneamde ûnpersoanlike foarm ‚it is my forgetten' en de bidriuwende foarm ‚ik haw forgetten', kin men ek noch in passive foarm brûke: ‚Ik *bin forgetten*, ik *wurd forgetten*' ensfh. B.g.: ‚Elkenien hat thé krigen, mar ik *bin forgetten*'. Men bidoelt dan fansels dat men oerslein, foarbypart is, dat men om sa to sizzen biheart ta de forgetten groepen. Dit passivum is net spesiael Frysk; it Ned. hat dy konstruksje ek mei deselde bitsjutting.

Wol apart is wer it gebrûk fan in foarm mei forswijd foarwerp, dus ûnoergonklik: ‚it forjit'. Je bidoele dan dat eat je net lang bybliuwt, dat it ringen út je gedachten wei is. B.g.: ‚Och, hwat *forjit* sa'n oarloch gau; Dy krisis fan '30 *forgeat* noait wer; As de roede fan 't gat is, *is* it slaen *forgetten*'. By alle trije sinnen soe it weromwurkjende ‚jin' as objekt ynfoege wurde kinne.

Lyk as praktysk by alle tiidwurden kin men fan ‚forjitte' ek in ûnsidich haedwurd meitsje; *it forjitten*, mei in fryskeigen konstruksje as: *yn 't forjitten reitsje* (sein

fan minsken of dingen dêr't net mear oan tocht wurdt). B.g.: ‚Adolf Hitler *rekket* by de jongerein yn Dútsklân hurd *yn 't forjitten*.' Soms treft men de substantivearring ek yn forkoarte foarm: ‚it forjit', dat gaedlik brûkt wurde kin foar it Ned. ‚de vergetelheid', al bistiet dêrnjonken yn hwat steatliker styl ek noch de foarm ‚forjitnis'. B.g. ‚Syn oantins sil by ús nea yn *forjitnis* stjerre.' Alderaerdichst is in personifikaesje fan ‚forjit' yn in mearke fan Simke Kloosterman, hweryn't struid wurdt mei de magyske piper *Forjit*. In misbaksel dêrtsjinoer is in optocht wurd as ‚forjittelens' (foarme neffens it goedfryske substantyf ‚forjitlikens'?), dat ús ris, en dan ek noch ûnderbrocht yn de wankonstruksje ‚oan 'e forjittelens ûnttsjen', oangniisde yn in Frysk studinteblêd.
Ta dizze wurdkloft bihearre dan ek noch it al even neamde ‚forjitlik' (en net ‚forjitachtich', lyk as guon hollanderjende Friezen al sizze), ‚forjitlikens' of mei oar suffiks ‚forjitlikheit' en it antonym ‚ûnforjitlik'. Dit lêste is nuver genôch neffens de bitsjutting gjin tsjinstellend wurd fan ‚forjitlik', mar wurdt sein fan eat dat jin nea wer út it sin gean sil, om't it in djippe en blide yndruk op jin makke hat. B.g.: ‚Us gouden brulloft wie foar ús in *ûnforjitlike* dei; Us tank oan allegearre dy't de 12e fan Blommemoanne foar ús ta in *ûnforjitlike* dei makke hawwe.'
En hjirmei is ús boskje forjit-my-netten wer tept en gearfandele ta in foege rûker. Lit it tréwis wêze foar dyselden, foar hwa't it rjochte gebrûk fan ‚forjitte' (Aldfrysk ‚forjeta') hwat yn 't forjitboek, it forjittersboek of it forjittelboek drige to reitsjen.

18. TWASTRIID OER TWILLINGEN

Alle goede dingen bisteane yn trijen, seit it sprekwurd, mar as wy it hjir nou ris net oer dè trije, mar oer de twa ha wolle, hâldt dat dêrom noch net yn dat wy kweade dingen yn útsetting hawwe. Hwant sûnder mis is it in goed ding en gean ris oer dat telwurdtsje ‚twa' to set. It is yn it Frysk in nijsgjirrich wurd, ek al is op it earste each oan dy flarde fan trije letters suver neat bysûnders to sjen. Jowt men jin der lykwols hwat djipper yn, dan docht bliken dat nei foarm en bitsjutting de krêft fan dat wurd lang n't lyts is. Foarearst hat it in leaf poarsje ôfliedingen mei to wrâld holpen en dêrby hat it him danich ward as it giet om idiomatysk bitsjuttingsforskaet.
Om ris hwat foarbylden to neamen, hweryn ‚twa' postuert yn bûgde foarm mei alderhanne préposysjes: *yn twaën*: ‚It kopke foel *yn twaën* oer de flier'; *oan twaën*: ‚De auto lei *oan twaën* yn 'e sleatswâl'; *by twaën*: ‚Jelle telde syn knikkerts *by twaën* tagelyk'. As oantsjutting fan de tiid fan de klok giet it mei ús numerale deselde wei op: *by twaën*: ‚Hy kaem dy nachts *by twaën* thús'; *nei twaën*: ‚Us dokter is *nei twaën* altyd de praktyk yn; Hoe let is it? It rint al moai *nei twaën*'; *tsjin twaën*: ‚Doe't it *tsjin twaën* bigoun to rinnen waerd er danige slûch'; *foar twaën*: ‚Presiis fiif minuten *foar twaën* stie er foar de skoaldoar'; *oer twaën*: ‚Kom kertier *oer twaën* efkes by my.' Apart is noch in tiidoantsjuttende formaesje as: ‚It wurdt *twaën en trijen* (of *ienen en twaën*) ear't wy thús binne'.
Fansels binne boppeneamde foarmen net biheind ta dit iene telwurd. Men kin yn théory ditselde mei àlle haednumeralia útheve, al sil it by de tiden fan dei of nacht út soarte net fierder gean as oant en mei tolve.

noch by, dat de foarm ‚Janneman' (mei ritmyske tuskensyllabe) foar jonkjes dy't Jan hjitte, ek yn ús tael tige faek tapassing fynt.
By oanspraek fan jonges en famkes troch âlderen, mar ek by dy fan bern ûnderinoar, bisteane fan ús gearstalling in mannich tige libbene en ek produktive foarmen. By jonges wurd faek heard de bystelling ‚-jong(e)', nau forboun mei de eigennamme. B.g.: *‚Jelle-jong*, hwat is heit greatsk op dy!; Hear ris, *Wibe-jong*, jimme Ruerd hat der yn sitten; Hoe sit dat, *Gelf-jonge*, hastou dat nêst úthelle?' Yn sokke gefallen kaem (komt?) ek ‚-boai' foar: *‚Sjouke-boai*, gean even oan 'e kant!' Ek de forlytsingsfoarmen ‚-jonkje' en ‚-boaike' binne gjin ûnmooglikheden. Sa'n selde gearstalling is mooglik mei ‚-feint(sje)'. B.g.: *‚Pyt-feint*, helje myn oerjas ris op!; Jawis, *Inne-feintsje*, dou moatst nou op bêd!' Yn dit kader past ek ‚-heite', fan oarsprong in sibskipsnamme, mar hjir ta gemiensume vokatyf dégradearre: *‚Fråns-heite*, hwat ha wy in wille hawn!; Né, né, *Pier-heite*, dat kin sa net!; Hwer bliuwst nou mei dyn praetsjes, *Tsjerk-heite*?'
By fammensbern postuere yn dit gelid foarmen mei ‚-fanke' (forkoarte soms ta it sterk nasalearre ‚fang') en ek wol ‚-bern'. B.g.: *‚Klaske-fanke*, hwat stiet dy jurk dy moai!; Ei né, *Hinke-fang*, hy makket dy hwat wys!; Dou moatst it sels witte, *Jantsje-bern*, mar it komt sa net goed!'
Bûten de bernesfear meastal lizze oansprekfoarmen mei ‚-âlde'. B.g. fan man tsjin frou: ‚Hoe is 't, *Tryn-âlde*, krije wy noch in bakje thé?' Mar ek fan frou tsjin man: ‚Né, *Kees-âlde*, nou leau 'k datst my forrifelst!'
Foargoed op it terrein fan de flaeikjende oanspraek bringe jin komposita mei as twadde lid ‚-leave' (wol forkoarte ta ‚-leaf' en ‚-lea'), ‚-hartsje', ‚-pop', ‚-skat' en faeks noch mear. B.g.: *‚Jeltsje-leave*, dou moatst dyn drankje ynnimme; Kom, *Sets-leaf*, kom nou keamer op; Myn *Tsjalke-lea*, hwat bist forkâlden!; It wurdt myn tiid, *Sip-hartsje*!; Tink der om, *Japke-pop*, noait oan 'e hite kachel komme, hear! *Tyske-skat*, stean mem nou net yn 't paed!'
Is der nou ek forskil tusken al dizze hjoed-de-dei noch gongbere foarmen en de twa ‚Jan-om' en ‚Klas-muoi', dêr't wy fan útgien binne? Grif wol. De earstneamden kinne mei skik losmakke wurde fan de foarôfgeande eigennamme en dan as selsstannige vokatyf by in sin stean. De forbining is hjir dus losser en tafalliger. Mei ‚-om' en ‚-muoi' is dat net it gefal, hwant by selsstannich gebrûk forearje dy sûnder mankearen yn ‚omke' en ‚muoike'.

47. ‚LIT IK' OF ‚LIT MY'?

Okkerlêsten, in Fryske tsjerketsjinst bywenjend, foel it my op dat de liturch, doe't er syn gemeente útnoege ta gebet, dat die mei de wurden: *‚Litte wy* bidde'. It wie noch gjin heal etmel letter, of dêr gniisde út ‚Fryslân Oerein!' my dizze sin tomjitte: ‚Mar *lit ik* wer nei Brussel weromgean!'
Sa'n dûbele oanlieding set jin al gau foar de fraech: binne sokke – hjir skeanprinte – foarmen yn ús Frysk algemien gebrûklik en dus eventueel talitber of net? It grammatikael forskynsel dêr't wy hjir mei to meitsjen hawwe is: in gebiedende wize mei gebrûk fan it helptiidwurd ‚litte'. Yn de hjoeddeiske omgongstael heart

men, faek yn tsjinstelling mei it Ned., efter dy imperatyf méástal de pronominale *objekt*foarmen en wol mei dizze fjouwer mooglikheden: ‚lit my, lit him (har), lit ús, lit har(ren)'. Mar meastal is fansels noch net itselde as altyd. Binammen by it lêstneamde gefal, de 3e persoan meartal dus, kin men ûnder it folk ek fakernôch de (oarspronklike) subjektfoarm ‚se' biharkje. Hiel gewoan Frysk is b.g. in sintsje as: ‚Dy bern binne net wizer, dat *lit se* mar gewurde'. Soe men hjir ynpleats de foarm ‚*lit har(ren)* mar gewurde' brûke, dan kaem it taelgefoel wis net yn 't forset, ek al is it lêste sûnder mis minder gongber. Der hat dus blykber in oergong pleats hawn fan ‚har(ren)' nei ‚se' yn sokke imperativen. Dat dit forskynsel net fan de lêste jierren is, kin biwiisd wurde mei in fersrigel fan Gysbert Japiks, dy't earne seit: ‚*Litse* gnorje' in uwz belabbje, / Waems fjoer is oon yessche terd'.

Dat it taelgefoel krekt op dit sté wifket tusken objekt- en subjektfoarm kin faeks wol forklearre wurde. De bûgde meartallige foarm ‚harren' wurdt by ús ek hiel faek réalisearre as ‚har'. Hy komt dan dus alhiel oerien mei froulik iental ‚har'. Dat is mar lestich bytiden. Hwer moat men oan tinke, as men it folgjend sintsje los fan alle forbân earne oantreft? ‚*Lit har* dat wurk sels mar dwaen!' Tûzen om trettjin dat dejinge dy't soks lêst of heart alderearst tinkt oan ien (frous)persoan en nèt (of alteast net yn it foarste plak) oan mear-minsken-tagelyk. Wolnou, om dizze bitsjuttingsûnderskiedende numerale funksje fan ‚har' to biwarjen, soe it wolris wêze kinne dat de tsjintwurdige Fryske taelbrûker by it meartal gauris de foarm ‚se' foar kar nimt boppe ‚harren', al giet soks fansels alfolle ûnbiwust yn syn wurken. Tusken heakjes: soe hjir ek in psychologyske forklearring lizze foar it feit dat guon taelmisbrûkers langer ‚hun' sizze, as hja ‚har' bidoele?

In bytsje oars leit it lân der hinne mei de trije earstneamde gefallen ‚lit *my*, lit *him* (*har*), lit *ús*'. Hjir is de oergong nei de subjektfoarm oan it folk to hearren minder frekwint. Komt dat om't it probleem fan gearfallen mei in oar foarnamwurd hjir net bistiet? Hoe't it wêze mei, noch altyd is it by ús normael om to sizzen en to skriuwen: ‚*Lit my* mar yn Ljouwert bliuwe; *Lit him* de kâns ek ris krije; *Lit har* mar naeister wurde; *Lit ús* mar om in oar hinnekommen sykje'. Soe yn sokke tige gongbere gefallen ‚ik', ‚hy', ‚se' en ‚wy' brûkt wurde, dan kaem jin dat op syn minst ûngewoan oan. Dat dizze foarmen spesiael by dit syntagma dochs yn 'e sprektael en fangefolgen ek yn 'e skriuwtael (sj. boppe) opdûke, leit him fansels oan ynfloed fan it Ned. Yn in artikel yn ‚Onze Taaltuin' jg. 3 hat prof. Van Ginneken oantoand dat yn hwat wy nou ús Rykstael neame beide foarmen al ieuwenlang nêstinoar foarkomme. Yn it Frysk leit dat dochs hwat oars. In sin as ‚*Laat ik* het eens proberen' heart by ús it himmelst as ‚*Lit my* it ris bisykje'. En ‚*Laat ik* 's kijken' wurdt tusken Fly en Lauwers moai fêst ‚*Lit my* ris sjen'. Ek ‚*Laat hij* oppassen', dat dizze taelgelearde ‚uitstekend Nederlandsch' neamt, soe by ús wurde moatte ‚*Lit him* oppasse' en net oars. It meartalspronomen liket justjes wankeler to stean. Hoefaek heart (en lêst) men al net ‚*Litte wy* der mar net mear oer prate' y.pl.f. ‚*Lit ús* . . .' ensfh. Né, niisneamde dominy mei syn ‚*Litte wy* bidde' hat wier wol nei- en meipraters!

En dochs, hjirmei is dizze kwestje noch net heal bislikke. Hwant bihalven ynfloeden fan it Ned., dy't der fêst binne, kinne hjir ek noch yntern-fryske krêften op syntaktysk gebiet warber wêze, dy't wiksel en oergong biwurkmasterje. Men

kin dat dúdlik waernimme, as ‚litte' him yn in imperative sin forbynt mei in werom-wurkend tiidwurd of dito verbale konstruksje, sa as b.g. ‚jin waskje, jin skeare, jin lilk meitsje, jin sjen to rêdden'. Soe men jin slaefsk oan it grammatyske foar-skrift hâlde, dan krige men sinnen sá: *‚Lit him him* earst mar ris fiks waskje; *Lit har har* dochs alle moarnen skeare; *Lit my my* mar net lilk meitsje; *Lit ús ús* sjen to rêdden'. By sokke produkten mei har twa gelikense foarmen fuort efter-inoar komme daliks al stilistysk-estétyske biswieren boppe. Gjin minske mei graech oer stammerjen, ek op papier net. De folkstael fielt soks oan, hwant yn soksoarte gefallen heart men gauris: *‚Lit hy him* earst mar ris fiks waskje; *Lit(te) se har* dochs alle moarnen skeare; *Lit ik my* mar net lilk meitsje; *Litte wy ús* sjen to rêdden'. Minder forset ûnderfynt sa'n reduplikaesje foar 't neist, as it twadde wurd forsterke wurdt mei it oanhingsel ‚-sels'. Sinnen as *‚Lit him himsels* mar rêdde; *Lit har harsels* mar formeitsje; *Lit my mysels* net yn 'e fingers snije; *Lit ús ússels* net weismite' binne, út oarsaek foaral fan aksintforlizzing en sinritme, lang sa ûnoannimlik net.
Ienselde forset tsjin fordûbeling docht him foar as yn sokke hjittende sinnen oan it eigentlike foarwerp de bisitlike foarnamwurden ‚ús' en ‚har(ren)' foarôf-geane. B.g.: *‚Lit ús ús* best dwaen; *Lit har har(ren)* bern sels mar greatbringe'. Ek dan hat de taelbrûker oanstriid en brûk de foarmen ‚lit(te) wy' en ‚lit(te) se'. Ek yn sokke gefallen kinne sprekker of skriuwer mar it bêst nei eigen goede smaek en taelgefoel to wurk gean.

Dy smaek, eigentlik wansmaek, mei lykwols net baes as it giet om it folgjende. Guon Friezen, blykber tige ûnder ynfloed steande fan populair radio-hollânsk, krije it langer foar de moade om sinnen yn har tael to bimjuksjen as: ‚En *lit* dy man nou deselde namme ha as ik!' Dit is in mei ham en gram oernommen foarm dy't it Frysk net eigen is. Prof. Overdiep neamt it ‚een bijzondere constructie, vooral in Hollandsche volkstaal gangbaar . . . in een affectieve dramatiseerende wijze van voorstelling.' Dit tige dúdlik hollânisme bigjint, bihalven yn 'e sprektael, ek yn ús skriuwtael al aerdich op to spyljen. Sa ornearre in lid fan Deputearre Steaten by in offisiéle priisútrikking okkerjiers: ‚En *lit* nou dat kongres to Ljou-wert op deselde dei falle as dizze útrikking fan de Joast Halbertsma-priis!' En in fryskkundich akademikus, just tofoaren promovearre op in proefskrift yn de Fryske tael, skreau yn in partikuliere brief: ‚En *lit ik* (!) nou dat almenak fan 1932 sels yn 'e kast hawwe!'
Ek guon kranten en tydskriften binne oanhelle mei dizze goarre. ‚Doe dêrhinne en *lit* nou dy boekhanneler de stêd út wêze en de kaei meinommen ha' (Frysk en Frij '60); ‚En *lit* har der nou de priis mei winne!' (Leeuw. Crt '59); *‚Lit* my dêr de jouns mei in jonge knyn thúskomme!' (Stiennen Man '59); ‚It ûnderste stik is der ôfknapt en *lit* dy kaeisbek nou krekt de foarm ha fan in E' (De Pompeblêdden '56). De lêzer mei it leauwe of net, mar dy lêste sin stiet yn in artikel, skreaun troch in Ynspekteur by it Leger Underwiis! Laat ie fijn sijn!
Mar it nimt net wei, foar it werjaen fan sokke gefoelsmodaliteiten brûkt it Frysk nou ienkear oare middels as dit Hollânske rattelmansreau. It kin b.g. mei in ironysk-freegjende ûntkenning: ‚En wie dy boekhanneler *net* krekt de stêd út?' Of forsterke mei in ynterjeksje: ‚En *sjochdêr*, woun se der nou net krekt in priis

mei?' It kin ek mei help fan in s.n. ethyske datyf: ‚En dêr kaem ik *my* de jouns mei in jonge knyn thús!' Of ek sa: ‚It ûnderste stik is der ôfknapt en *hoe kin 't sa (treffe)*, dy kaeisbek hat krekt de foarm fan in E!' Of noch oars: ‚En *dan to witten* dat ik dat almenak fan 1932 sels yn 'e kast haw!'
Hjirmei sille wy it littersmês mar wer opbergje. It is mar dat ús skriuwers euvelmoed krije yn dit ûneigen ynslûpsel. Sit sokke smoargens jin ienkear op 'e Fryske klean, dan wol it mar min wer litte.

48. OMTRINT: IN LEK PLAK

Hwa't yn in Frysk-Nederlânsk wurdboek omblêddet, fynt ringen wurden dy't inoar yn beide talen nei skriuwwize of útspraek neat of net folle ûntrinne. Yn party gefallen falle dêrby ek noch de bitsjuttingen alhiel gear. Wurden as ‚op, al, né, soms, gek, modder, slaen, spier, les', om in pear foar de stôk op to neamen, binne yn Frysk en Nederlânsk frijwol ekwivalint, itsij nei foarm, itsij nei funksje, itsij nei allebeide. In sintsje as ‚Dan is alles goed' wurdt yn it Ned. krektsa skreaun; de bitsjutting is ek deselde, al strykt de útspraek fansels net alhiel mei dy yn it Frysk. Sokke oerienkomsten lizze ek wol foar de hân: beide talen binne ommers inoar moai nei bisibbe Westgermaenske dialekten. En hawwe ieuwenlang meiinoar yn kontakt stien.
Fansels binne der ek in poarsje wurden to neamen dy't yn Frysk en Ned. in (tafallige) oerienkomst yn klank sjen litte, mar fan bitsjutting neat meiinoar út to stean hawwe. It Fryske wurd ‚jaer' is ommers hiel hwat oars as it Ned. ‚jaar', it Fryske ûntkennende ‚net' as it Ned. ‚net', it Fryske ‚strou' as it Ned. ‚stro', it Fryske ‚toer' as it Ned. ‚toer' of it Fryske ‚loeije' as it Ned. ‚loeien'. By oare wurden is der nêst bisibbens fan klank ek bisibbens fan komôf, mar in folslein of partieel forskil yn f u n k s j e, d.w.s. it bitsjuttingsforskaet dat ûntstiet troch gearfoegjen fan sa'n wurd yn it sinforbân. Sa bistrykt it Fryske wurd ‚nijsgjirrich' in folle greater bitsjuttingsfjild as it Ned. ‚nieuwsgierig' en lit it Fryske ‚grif' hiele oare nuânses sjen as it Ned. ‚grif'. Forskillen komme ek bleat as men ‚snoad' forgeliket mei ‚snood', ‚rinne' mei ‚rennen', ‚rosse' mei ‚rossen', ‚ûnbigryplik' mei ‚onbegrijpelijk' of ‚rounom' mei ‚rondom'.
Mei't it Frysk sa slim bleatleit foar biynfloeding troch it Ned., sitte krekt op dy plakken, dêr't de wurd*foarmen* alhiel of sa genoechsum gearfalle, mar de wurd*funksjes* inoar alhiel of foar in part ûntrinne, de wrakke en lekke stéën yn it Fryske taelfront. De gefolgen fan sa'n lekkerij binne bytiden klear to fornimmen. Ien sa'n lek oppenearret him tsjintwurdich gauris yn ús skriuwtael troch it ûnder Hollânske ynfloed forkeard brûken fan it wurd ‚omtrint'. It Frysk studinteblêd ‚Fryslân Oerein!' skreau b.g. yn 1959: ‚De stifting fan in universiteit sil lykwols foaral motivearre wurde moatte út de sitewaesje op dit stuit en út de forwachtingen *omtrint* de takomst'. It wykblêd ‚De Stim fan Fryslân' hat yn 1960 deselde kluchten as it skriuwt: ‚Op boeijende wize toant De Jong hjiryn syn greate kunde *omtrint* de technyk fan it wettermeallen'. Itselde blêd fortoant it efkes letter noch moaijer: ‚De lêzer krijt al moai gau yn 'e gaten, dat de skriuwer tangele sit mei

Folchoarder fan de tiidwurden

Yn it Nederlânsk steane de tiidwurden faak yn in oare folchoarder as yn it Frysk. In pear foarbylden:

(1)
Ned.: Ik kan dat lekkere bier niet laten staan
Frysk: Ik kin dat lekkere bier net stean litte

(2)
Ned: Zou je me willen helpen?
Frysk: Soest my helpe wolle?

Soms hat it Nederlânsk twa mooglikheden en it Frysk mar ien:

(3)
Ned.: Waar denk je dat ik over heb gezongen / gezongen heb?
Frysk: Wêr tinkst dat ik oer songen ha?

(4)
Ned.: Weet jij wanneer we worden opgehaald / opgehaald worden?
Frysk: Witsto wannear't wy ophelle wurde?

Hoe kinst no witte wat yn it Frysk de goede folchoarder is? Der binne trije trúkjes om dêrachter te kommen:

1. As der yn it Nederlânsk mar ien folchoarder mooglik is, dan is de folchoarder yn it Frysk oarsom. Dat is it gefal by de sinnen (1) en (2) hjirboppe.

2. Fierder kinst ûnthâlde dat yn it Frysk it belangrykste tiidwurd foar it helptiidwurd komt. Meastal drukt it belangrykste tiidwurd in hanneling út.

3. In tredde trúkje is dat it tiidwurd mei de sterkste klemtoan foarop komt.

En no wat yngewikkelder:

De trúkjes om de folchoarder fan twa tiidwurden te bepalen wurkje ek mei trije tiidwurden. Sjoch mar ris nei de sinnen hjirûnder:

(1)
Ned.: Zou je haar het ontwerp even willen laten zien?
Frysk: Soest har it ûntwerp efkes sjen litte wolle?

(2)
Ned.: De meester zei dat we moesten gaan zitten.
Frysk: De master sei dat wy sitten gean moasten.

Der is by de Nederlânske sinnen mar ien mooglike folchoarder. De Fryske folchoarder is dan eksakt omkeard. Soms lit it Nederlânsk mear as ien folchoarder ta. Sjoch mar:

(3)
Ned.: Daar liggen proefwerken die bekeken moeten worden / moeten worden bekeken.
Frysk: Dêr lizze de proefwurken dy't besjoen wurde moatte.

Kinst it ek sa dwaan: pakst earst it belangrykste tiidwurd. Dat is yn sin (1) it wurd *sjen*. By *sjen* heart it helptiidwurd *litte*. Dat komt derachter. It oerbliuwende helptiidwurd *wolle* komt dêr wer achter.

Kinst ek sizze: it wurd *sjen* hat de sterkste klemtoan. Dat komt dus foaroan. Foar de oare twa helptiidwurden moatst ien fan de oare trúkjes brûke.

De stof fan dit artikeltsje wurdt ek útlein yn in filmke:
http://www.youtube.com/watch?v=Y6J_GQL1P_s

De ûnderskikkende IPI

Sjochst ek bysûndere sinnen yn de ûndersteande fragminten?


Moarns mei it matinee, as de grutten sopen en dûnsen, draaide de draaimûne in pear oeren achterelkoar. In kertier fergees, en dan wer in kertier betelje. De Loet kaam op it idee en sammelje jild yn foar De Jelk, omdat er sa fan autootsjes hâlde. It like al wat frjemd, want De Loet hits

út: Josse de Haan (1999), *Piksjitten op snyp*.


folk nei it museum lûke kinne. Wat dat oanbelanget is it ek tige nijsgjirrich en kom te witten wêr't dizze houten objekten op de catwalk weikomme.

út: Wobbe Atsma (2011), 'Monuminten'. *Smelnes erfskip* nr. 5. Side 6.


'Dy frekte Frânsen ha it near der oplein,' fertelt- Teake. 'Wy hienen de Belsen der al wer ûnder, mar de Frânsen wienen fan doel en stjoer in leger fan twahûnderttûzen man as ús koaning net ophold. En

út:

Rink van der Velde (1991), *De nacht fan Belse Madam*.


Tell your child to be brave. Before the play date, tell your child that you know he or she feels shy but it is important to try and be brave. Be specific about what you

út: Gerald Koocher & Annette La Greca (2011), *The Parents' Guide to Psychological First Aid*.

Yn alle fjouwer fragminten stiet in konstruksje dy't wy de *ûnderskikkende IPI* neame. Yn de Fryske skriuwtaal is er hiel gewoan. Yn de sprektaal is er dat foar guon Friezen ek, wylst oaren him noait brûke.

Hoe wurket de ûnderskikkende IPI? Hy begjint mei it wurdsje *en*. Dêrnei stiet in sin yn de hitende foarm ('gebiedende wijs'). Mar de sin is net as befel bedoeld. Hy is bedoeld as in bysin by wat derfoar stiet. Kinst him altyd ferfangen troch in konstruksje mei de wurden *om* ... *te*.

Yn it earste fragmint kinst mei presys deselde betsjutting ek sizze: 'De Loet kaam op it idee om jild yn te sammeljen foar De Jelk'. Yn fragmint 2 kinst ek sizze: 'Wat dat oanbelanget is it ek tige nijsgjirrich om te witten te kommen wêr't dizze houten objekten op de catwalk weikomme'. Yn fragmint 3 kinst ek sizze: 'de Frânsen wienen fan doel om in leger fan twahûnderttûzen man te stjoeren'. En yn it Ingelske fragmint kinst ek sizze: 'but it is important to try to be brave'.

De ûnderskikkende IPI komt net foar yn it Nederlânsk en Dútsk. Yn it Ingelsk komt er foar nei de tiidwurden *try* en *attempt*. Yn it Deensk is de konstruksje frij gebrûklik. Fierder komt er foar yn de Fryske dialekten yn Dútslân en yn it Stellingwerfsk.

Kinst no elke sin mei '*om ... te*' deryn omsette nei in ûnderskikkende IPI? Nee, dat wol net. It wol net yn sinnen dêr't *om* de betsjutting 'mei it doel om' hat. Yn sokke sinnen kin it wurdsje

om net fuortlitten wurde. As it wurdsje *om* neat betsjut en wol fuortbliuwe kin, dan kinst de sin wol omsette nei in ûnderskikkende IPI.

In pear foarbylden fan sinnen dy'tst omsette kinst nei in ûnderskikkende IPI:

It is moai om mei har te praten.	->	It is moai en praat mei har.
Hast ek sin om mei te kommen?	->	Hast ek sin sin en kom mei?
Hoe krijst it yn 'e holle om sa raar te dwaan?	->	Hoe krijst it yn 'e holle en doch sa raar?
Ik wol besykje om op 'e tiid te wêzen.	->	Ik wol besykje en wês op 'e tiid.
Wy hawwe ús foarnaam om in sjerrydieet te dwaan.	->	Wy hawwe ús foarnaam en doch in sjerrydieet.

De folgjende sinnen kinst net omsette nei in ûnderskikkende IPI:

Maaike pakte in hammer om in spiker yn 'e muorre te slaan.
Wolst my in pûdsje jaan om de boadskippen yn te dwaan?
Op 'e bar steane flessen wetter om te drinken.

Wêrom hat dy konstruksje no de gekke namme 'ûnderskikkende IPI'? Alderearst 'ûnderskikkend'. Dat wol sizze dat de konstruksje eins in bysin is. Wy sille letter sjen dat der ek noch in 'njonkenskikkende IPI' bestiet en dat is in haadsin.

Dan it wurd 'IPI'. Dat is in ôfkoarting fan it Latynske *Imperativus Pro Infinitivo*. Dat wol sizze: hitende foarm ('gebiedende wijs') ynstee fan ynfinityf ('hele werkwoord'). En dat is presys watst dochst ast in IPI makkest: do ferfangst in ynfinityf troch in hitende foarm. Dy setst dan foaroan, want hitende foarmen steane altyd foaroan. En fierder ferfangst de wurden *om* en *te* troch *en*.

birop nei in oar plak. Syn kommentaer tsjin my oer syn sielehoeder wie koartwei sa: ‚Och, sokken nimme de lodde mei, moat je tinke!', hwermei't er dúdlikernôch sizze woe dat dominy wol oan syn grêf ta yn dat doarp hingjen bliuwe soe. Soartgelikense spotskens komt nei foaren yn it sizzen oer in oare dominy hwa't likemin in birop yn 'e takomst tatocht waerd: ‚Hy sil dêr yn W. de sliepmûtse wol op krije'. Fan wer in oare dominy, dy't foar de moade hie om nei in jier syn steapeltsje preken om to kearen en dan opnij mei deselde ‚learing en stichting' fan wâl to stekken, waerd kâldwei ornearre: ‚Us dominy keart ienkear jiers de pankoek om'. Yn ‚Uit Friesland's Volksleven' fan Waling Dykstra binne in hiele rige sprekwurden to finen dy't allegearre oer de dominys hannelje. Lit ús in pear dêrfan hjir efkes nei foaren helje: ‚In dominy dy't tongert mei syn wurden, moat earst bliksemje mei syn eksimpel; Elk op syn plak, sei dominy, doe krige er in lûs fan 'e bef en sette 'm efter 't ear; Master en dominy binne broek en wammes (= dy twa hearre byinoar); Men sjocht de dominys net fierder as oan 'e mul ta (ntl. as se op 'e stoel steane; d.w.s. men ken har mar heal); Dominys binne bidders, mar gjin jowers; Dominys binne wriuwpeallen, dêr't it kristlike fé de hûd oan rost; It is mei de dominys: de bûse ticht en de hân oan 'e hoed (= se binne fatsoenlik, mar kinne neat misse); Dy't de dominys en de froulju tsjin hat, sil faek de skinen stjitte; Us dominy jowt in goed miel molke, mar hy skopt de amer wol ris om (= hy preket hiel moai, mar syn libben is der net neffens); Better to trouwen as to barnen, sei de pastoar (lês: dominy) fan Ysbrechtum, en hy joech de geboadens hwat to let oan'. It lêste sprekwurd is fansels in wurdspiling op 1 Kor. 7, fs. 9, dêr't Paulus syn forneamde útspraek stiet: ‚It is better to trouwen as to baernen'.

Ta bislút noch in âlde anekdote, dêr't twa dominys mei anneks binne. Yn Makkingea stie foarhinne in dominy dy't gjin folk triek, hwant syn parochianen tsjerken gauris by in kollega dy't him tafallich ‚Ram' skreau en yn 't neiste doarp stie. De Makkingeaster pastor plichte dan to sizzen: ‚Soa, binne myn skiep al wer nei de raem?' En mei dit dominyspypfol der op ta slút dan dit pastorale stikje.

97. IT IS IN DREGEN BAES

Lyk as it Ned. en it Ingelsk kin it Frysk mei rjocht in défleksive tael hjitte. Alderhanne fleksjes (= bûgingsfoarmen) fan ûnderskate wurdsoarten binne ek by ús troch de ieuwen hinne forfallen en de funksjes dêrfan binne oernommen troch biskate wurdforbiningen en sinfoarmen. Der hat in tiid west dat de taelkundigen hjiryn net folle oars sjen koene as taelforfal of yn alle gefallen slimme taelforfarming. In romantikus as Harmen Sytstra hie dat b.g. sterk oer him. Ut in each fan taelrestauraesje woe er alle Aldfryske bûgingsútgongen wer yn 'e skriuwtael op it stuoltsje bringe. Noch mar hûndert jier forlyn hat hy dêr yn syn ‚Woordenleer der Friesche Taalkunde' (1862) it pleit foar fierd. De deklinaesje fan in forbining as ‚de heechste beam' woe er b.g. sa yn 'e wurken gean litte: 1e namfal: thi hagosta bâm; 2e namfal: thes hagosta bames; 3e namfal: tha hagosta bâm; 4e namfal: thene hagosta bâm. It seit himsels dat dit safolle ieuwen tobek setten

fan de taelklok him net wurden is. It wie net oars as in (sabeare) geleard probearsel. Dat dit doe en letter ynsjoen waerd hat in goed ding west, hwant oars hie nou gjin Frysk skoalbern in boek yn eigen tael lêze kinnen. Symptomatysk suver foar de ûntagonklikens fan syn s.n. Iduna-stavering is it feit, dat Sytstra mei syn eigen frou, immen fan sljocht komôf, yn it Hollânsk briefke as hja by syn skoanfolk útfanhûze!

Hoe't wy hjir sa nuver op dit tichtgroeide sydpaed fan de Fryske taelkunde bidarren? In fraech fan in learder ta de Fryske Akte brocht my der op. Dy hie opmurken dat wy yn ús omgongstael somtiden in eigenaerdige foarm fan it attributyf brûkt eigenskipswurd biharkje kinne. As eksimpels dy't him opfallen wiene brocht er by: ‚Dou bist in *wreden* heit' en ‚Ik hie in *ôfgrysliken* pine'. Soe it sa wêze kinne, frege er, dat wy yn dy adjektiven, útgeande op *-en*, restanten sjen moatte fan âldere Fryske bûgingsfoarmen, hjir dus bûgingen yn 'e 4e namfal (akkusatyf)?

It falt net sa swier en jow hjir in dúdlik antwurd op. Yn it Aldfrysk krige it eigenskipswurd, oft it nou sterk of swak bûgd waerd, einliks noait in útgong mei *-n*. Geane wy op 'e sneup nei oerbliuwsels fan âldere bûgingsútgongen yn 'e hjoeddeiske tael, dan komme wy tolânne by in mannich isolearre gefallen lyk as: ‚doe*des*tiids, by*der*hant, *goeder*jowsk, út *goeder*bêst, by de *krapper*ein komme' en noch inkelde fan sokken. In Nijfryske bûgde foarm as ‚Hy hie in *ôfgrysliken* wille' kin dus net op in Aldfrysk deklinaesjesysteem tobekgean. Men kin lykwols de freger forstean, byhwannear't dy hjirmei net rjocht bifredige is. Hwant hwat mei dy nuvere *-n* dan wòl wêze?

De ûndersikers hawwe der wol ûngelyk oer tocht. De Spraakkunst fan Sytstra en Hof (1925) jowt noch dizze forklearring. Dy *-n* efter eigenskipswurden soe in oerbliuwsel wêze fan in lidwurd ‚in'. Dat soe dan earst nei foaren komd wêze yn konstruksjes mei ‚sa' foarop. B.g. ‚*Sa great in* liger ha 'k noch noait sjoen; Dêr hat men *sa bloedich in* wurk mei' ensfh. Letter soe dit ‚in' net mear as lidwurd oanfield wêze en seine de lju: ‚Sa'*n greaten* liger ha 'k noch noait sjoen; Dêr hat men sa'*n bloedigen* wurk mei'. Noch wer letter soe soks ek gebrûklik wêze yn sinnen sûnder ‚sa'. Op dy wize krige men dus: ‚Hy is *in greaten* liger; Dat is *in bloedigen* wurk'.

Sa op 't earste each liket dit wol in knap slutende forklearring. Neamde grammatisi meitsje har der tominsten minder hastich ôf as har foargonger Mr. Ph. van Blom, hwant dy orakelet yn syn Spraakkunst fan 1889 oer dit forskynsel it folgjende: ‚Ofschoon het gebruik dezer *n* somtijds eene bevallige losheid of kracht aan de uitdrukking kan bijzetten, schijnt ze toch slechts spaarzaam gedoogd te kunnen worden, opdat de werkelijke taalregels niet onder al te weelderige uitwassen verloren gaan.' Dit wie dus yn 'e tiid dat guon taellju noch yn 'e forbylding wiene, de spraekmeitsjende mannichte hie har to skikken nei de regels dy't *hja* stelden en net oarsom. Dy tiid is nou wol foargoed foarby. Efterhelle is ek de forklearring fan Hof-en-dy út 1925. It nijer ûndersyk fan de libbene tael yn Fryslân en dêrbûten hat wol útwiisd dat sa'n (sabeare) bûgings-*n* alles to meitsjen hat mei de moedstastân fan de sprekker (de prater) dy't dy foarm brûkt. Wol dy prater yn in bipaelde sinkonstruksje foar sa'n adjektyf spesiale oandacht freegje, m.o.w. wol er de útwurking dêrfan op 'e harker(s) forsterkje, dan giet er oer ta

it brûken fan in foarm dêr't in *-n* oan tafoege wurdt. As immen seit: ‚Dou bist in *greate* domkop', dan kin dat slimmernôch wêze, mar hwat sterker tatroevet is: ‚Dou bist in *greaten* domkop'. Dr. P. Sipma en Prof. Overdiep wize dan ek beide de niisneamde ‚grammatyske' forklearring ôf en neame sa'n adjektyf mei útgong *-n* in ‚emfatyske foarm' (emfase = neidruk, klam).
De funksje dy't dit gebrûk yn 'e folkstael hat, kin dus oarspronklik oars neat west hawwe as dy fan de yntensivearring. De sprekker wol de eigenskip dy't yn it attribút neamd wurdt ekstra nei foaren helje. Sa'n moade kin fansels ek sadanich oanboazje, dat guon sprekkers it allegeduerigen tapasse, ek as hja neat bysûnders bidoele. It emfatysk karakter giet dan wer forlern en sa'n *-n* efter it adjektyf wurdt, yn guon konstruksjes alteast, de normale foarm. Sa sil it to forklearjen wêze dat yn it Skiermuontseager Frysk dizze ‚bûging' fan it eigenskipswurd stéfêst heard wurdt, as it oanfolgjend ientallich haedwurd ‚manlik' is en oan dat eigenskipswurd foarôfgiet a) it lidwurd ‚in', b) it foarnamwurd ‚gin' (= gjin) of c) it telwurd ‚ien'. Dus sa: ‚*in* gotte*n* man' (= in greate man); ‚*gin* swieren last' (= gjin swiere lêst); ‚*ien* tjokke*n* baim' (= ien tsjokke beam). (Sj. D. Fokkema Sr. Beknopte Spraakkunst van het Schiermonnikoogs). It is opmerklik dat him yn it Hynljipper Frysk min ofte mear itselde forskynsel foardocht. Yn T. van der Kooy Dz., ‚De taal van Hindeloopen' kin men b.g. lêze: ‚'n tókke*n* wòttel' (= in tsjokke woartel); ‚'n mòòie*n* daaze' (= in moaije doaze), hwerby't gjin sprake (mear) is fan in yntensiteitsaksint. It binne yn dizze dialekten normale foarmen wurden.
Ek bûten it Fryske taelgebiet komt boppeneamd forskynsel wol foar, al liket it by ús wol meast gongber to wêzen. Prof. Overdiep jowt ek foarbylden út Ned. tongslaggen as it Drintsk ('t Is 'n gierige*n* hond!') en it Sieusk ('t Is 'n kwaeje*n* duvel!'), mar hjir is fansels wòl wer emfatyske wurking oanwêzich.

Hoe wurde nou yn ús literatuer dizze ‚weelderige uitwassen' fan de libbene sprektael binutte? Yn de Rimen en Teltsjes soe men hiel hwat foarbylden opswylje kinne. In pear derfan binne: ‚in bêste*n* promte*n* keardel; in goede*n* simpele*n* stedman; sa'n meagere*n* skarminkel'.
In hjoeddeisk skriuwer as R. P. Sybesma mei der ek graech oer en bring dizze foarm yn syn proaza to pas. Prof. Brouwer hellet dêrút û.o. de folgjende foarbylden oan: ‚in fûleindige*n* prippersbeam; it joech mannich bittere*n* dei; yn in slimme*n* twastriid; in steile*n* opkeamer; in minne*n* drager; in skiere*n*, streperige*n* tekken'. Sels wurdt de *-n* net skroomd yn langere en skilderjende adjektiven as ‚op in sniejagerige*n* sneontomiddei' en (mei bûging ek fan it bywurd) ‚in almeugende*n* lange*n* koumelker'.
Ek yn it proaza fan E. B. Folkertsma komt men it forskynsel tsjin, soms sels trochlutsen nei eigenskipswurden fan frjemd komôf as ‚in fatale*n* oanstriid'.
Ek by sokke literaire foarmen is it elemint fan de yntensivearring tige dúdlik. De skriuwers wolle ekstra oandacht freegje foar it attribút dat hja brûke en nimme dêrta dit folkstaelforskynsel as stylmiddel to baet.
Alhiel forgelykber hjirmei is in ‚ûngrammatyske' bûging lyk as yn ‚ús Leave*n* Hear(e)'. Hjir likegoed hat de foarm mei *-n* in suver emfatysk karakter, om't it de wurking fan it eigenskipswurd forsterket, of better sein ynliker makket.

Wêrom ‘de’ en ‘it’?

Wêrtroch ha it Frysk en it Nederlânsk by deselde wurden (‘bosk’, ‘mar’, ‘fabryk’) ferskillende lidwurden en wêrom komt yn plaknammen lykas Den Bosch en De Nieuwe Meer soms it ‘ferkearde’ lidwurd foar? Dy fraach stie fan ‘e wike yn in reaksje ûnder myn artikeltsje oer ‘me huis’. Omdat it antwurd grif foar mear minsken nijsgjirrich is, haw ik it hjir útwurke ta in nij artikeltsje.

As earste is it belangryk dat wy ússels ferlosse fan in yllúzje. Europa is net fanâlds opdield yn taalgebieten mei sprekkers dy’t allegear itselde lidwurd brûke en dat ieuwenlang konsekwint folhâlde. Yn de dialekten dy’t foarôfgeane oan de moderne standerttalen bestie en bestiet in grut ferskaat oan wurdgeslachten, ûnder sprekkers en yn de tiid. Mei de foarming fan de standerttalen is yn in soad gefallen ien wurdgeslacht as standertfoarm útkeazen, mar yn de deistige praktyk is der yn gâns gefallen noch ferskaat.

Bos / bosk

‘Bos’ wie yn de midsieuwen yn de measte Nederlânske dialekten in (manlik) de-wurd, mar al yn it Middelnederlânsk kaam it yn de betsjutting ‘wâld’ ek al as (ûnsidich) it-wurd foar. Dat lêste geslacht hat de striid úteinlik wûn, mooglik trochdat it synonym ‘het hout’ (letter ek ‘de hout) ek ûnsidich wie. Yn de betsjutting ‘bondel’ (‘de bos takken/bloemen/krullen’) hat ‘bos’ syn oarspronlik de-geslacht holden.

Miskien wie ‘bosk’ yn de Fryske dialekten oait ek in de-wurd, mar dêr haw ik gjin spoaren fan weromfine kinnen. Yn it Nijfrysk wie it oeral yn Fryslân ‘it bosk’, sawol yn de betsjutting ‘bondel’ as yn de betsjutting ‘wâld’. Yn de Wâlden is ‘bosk’ by guon sprekkers feroare yn in de-wurd. Jarich Hoekstra en Willem Visser ha dêr yn Us Wurk ris in moai artikel oer skreaun. Sy tinke dat dat komt trochdat it lidwurd ‘it’ nei in ferhâldingswurd (‘voorzetsel’) soms feroaret yn ”e’ (‘yn ‘e hûs’). As jo yn in streek mei in soad beammen wenje, sizze jo faak dat ien ‘yn ‘e bosk’ is en kinne jo maklik tinke dat ‘bosk’ in de-wurd wêze moat. Op ‘e Klaai hat ‘de bosk’ noait bestien. De foarm ‘de bosk’ út de learboekjes is in besykjen om keunstmjittich ôfstân ta it Nederlânsk te skeppen.

Meer / mar

De skiednis fan ‘meer’ en ‘mar’ liket sterk op dy fan ‘bos’ en ‘bosk’. Yn beide talen komt it wurd de ôfrûne ieuwen foaral as ûnsidich (it-)wurd foar. Yn Hollânske dialekten hat ‘de meer’ in skoft populêr west, mar dan foaral yn de betsjutting fan ‘de polder’, ‘de tichstmiten mar’, lykas yn ‘De Nieuwe Meer’ en ‘De Haarlemmermeer’. Yn it Nederlânsk is ‘meer’ in ûnsidich wurd bleaun, mar yn it Frysk is ‘it mar’ yn de rin fan ‘e 18e ieu feroare yn ‘de mar’. Hoekstra en Visser ferklearje dy oergong op deselde manier as de Wâldfryske oergong fan ‘it bosk’ nei ‘de bosk’: yn it wetterrike Fryslân praten minsken gauris oer ‘op ‘e mar’ en sa koe ‘mar’ maklik oansjoen wurde foar in de-wurd.

Fabriek / fabryk

‘Fabriek’ en ‘fabryk’ ha eins de ienfâldichste skiednis. Yn de betsjutting ‘gebou dêr’t dingen makke wurde om se te ferkeapjen’ komt it wurd pas yn de 19e ieu foar. It koe doe yn it Nederlânsk en Frysk beide geslachten ha. Yn it Nederlânsk is ‘het fabriek’ stadichoan út ‘e taal ferdwûn, yn it Frysk hawwe de makkers fan learmateriaal de foarm keazen dy’t it meast fan ‘e Nederlânske ôfwykte en is de standertfoarm ‘it fabryk’ wurden, al komt ‘de fabryk’ ek noch altyd foar.

Hoekstra en Visser skriuwe dat it lidwurd ‘de’ nei in ferhâldingswurd yn beskate gefallen ferkoarte wurde kin ta ‘d’ of sels ‘t’. As minsken ‘de fabryk’ sizze, mar ek ‘op d fabryk’ of ‘op t fabryk’, dan kin in oar dat ek ynterpretearje as soenen se ‘fabryk’ as it-wurd brûke.

Dat is net in spesifyk Frysk ferskynsel. Yn Flaanderen wurd it lidwurd ‘de’ nei in ferhâldingswurd ek faak ynkoarte ta ‘t’. Dêrtroch heart men dêr faak ‘in t stad’, ‘op ‘t straat’ ensfh. Foar guon minsken is ‘stad’ dêrtroch al in it-wurd wurden. Sels op skrift komt men yn Flaanderen geregeld ‘het stad’ tsjin.

Tsjerke

Dat proses is yn it Frysk ek noch heeltyd geande, op syn minst by it wurd ‘tsjerke’. Dat is fanâlds in de-wurd. It falt my lykwols de ôfrûne jierren op dat studinten faak “nei it tsjerke” skriuwe. Yn 2013 haw ik dêr in stikje oer skreaun foar De Moanne.

Tusken in ferhâldingswurd en ‘tsjerke’ hoecht yn it Frysk apart genôch gjin lidwurd te stean: ‘yn tsjerke’, ‘nei tsjerke’. It is lykwols net te hearren oft ien no “nei tsjerke” of “nei ‘t tsjerke” seit. Blykber tinke in soad jonge Friezen dat der ‘it tsjerke’ sein wurdt. Doe’t ik der yn 2013 foar it earst nei frege, seinen studinten dat it normaal ‘de tsjerke’ wie, mar dat se wol ‘nei it tsjerke’ en ‘yn it tsjerke’ seinen, krekt as by ‘de simmer’ en ‘fan ‘t simmer’. Resint haw ik ek in studinte fûn foar wa’t ‘it tsjerke’ de gewoane foarm wie.

(Ferskynd op www.itnijs.nl op 18 desimber 2015.)

It tsjerke

“De brêgeman rûn tusken de kij troch werom nei it tsjerke.”

Komt de boppesteande sin jo nuver oan? Dat die er my ek, doe’t ik him in pear wike lyn tsjinkaam yn in oersetopdracht fan in studint. Al te folle omtinken joech ik der earst net oan, mar dat feroare doe’t ik deselde sin noch in kear as fiif tsjinkaam.

Fansels is it normaalwei “de tsjerke” en net “it tsjerke”, mar as in grut part fan de jongelju “it tsjerke” skriuwt, dan kin it wêze dat wy wat nijsgjirrichs op it spoar binne. Doe’t ik in groepke

jongelju lykwols frege oft se “de tsjerke” sizze of “it tsjerke”, seinen se allegear dat it “de tsjerke” wie.

Ien persoan sette my op it spoar nei de ferklearring. Dy sei: “It is ‘de tsjerke’, mar wol ‘ik gean nei it tsjerke’.” Dat heart nuver, mar dat is it net perfoarst. Wy sizze ommers manmachtich “Ik gean nei tsjerke”, as wy bedoele dat wy in tsjinst of mis bywenje wolle. En omdat “it” faak ferkoarte wurdt ta “‘t”, is it net te hearren oft wy no “nei tsjerke” sizze of “nei ‘t tsjerke”. As minsken faak “nei tsjerke” hearre, dan is it bêst mooglik dat se tinke dat “tsjerke” nei it wurdsje “nei” in it-wurd wurdt.

Dat de-wurden soms it-wurden wurde, dat is yn it Frysk net ûngebrûklik. Tink oan “de hjerst” neist “fan ‘t hjerst”, “de soad” neist “by ‘t soad”, “de spier” neist “yn ‘t spier”. It omkearde komt oars ek wol foar: “it hûs” neist “yn ‘e hûs”.

De ‘nuvere’ lidwurden ferskine altyd nei in ferhâldingswurd (‘voorzetsel’). De taalkundigen Jarich Hoekstra en Willem Visser ha dêr yn 1996 dit artikel oer skreaun. Se tinke dat it wurdsje “de” nei sa’n ferhâldingswurd maklik ynkoarte wurde koe ta “d” en dêrnei ta “t”. Dy t koe maklik oansjoen wurde foar it lidwurd “it”, mar hy koe ek fuortfalle, lykas yn “nei tsjerke”. Jongelju dy’t “nei tsjerke” as “nei ‘t tsjerke” fersteane, sette dus eins in stapke werom yn de taalskiednis.

De appelsop

It Hollânsk hat in soad wurden dy’t wol aardich op Fryske wurden lykje en ek noch itselde betsjutte. Tink mar oan ‘boek’, ‘schip’, ‘man’, ‘vrouw’ en noch gâns, gâns mear. Meastentiids ha dy Hollânske wurden ek itselde lidwurd as de Fryske oersettingen: ‘het boek’, ‘het schip’, ‘de man’, ‘de vrouw’. Der binne lykwols in stikmannich útsûnderingen, Hollânske wurden dy’t lykje op Fryske, deselde betsjutting ha, mar foar ús gefoel it ferkearde lidwurd krije. Sa sizze se yn Hollân ‘de schouder’, ‘de enkel’ en ‘de boodschap’, wylst wy yn Fryslân prate fan ‘it skouder’, ‘it ankel’ en ‘it boadskip’.

Guon Friezen reitsje lykwols wolris yn ‘e war en brûke by Fryske wurden mei sa’n Hollânsk twillingbruorke it Hollânske lidwurd. Dyen kin men bygelyks ‘de ankel’ of ‘de boadskip’ ôfheine. It is dan ek net sa ferskuorrende nuver dat de taallearboekjes in protte omtinken jouwe oan it fermijen fan sokke hollannismen. Terjochte wize leararen harren learlingen derop dat se derom tinke moatte dat ‘skouder’, ‘ankel’ en ‘boadskip’ byâlds it lidwurd ‘it’ meikrije.

Soms binne dy leararen lykwols wat al te bang foar Hollânske ynslûpsels en meitsje se harren regels te strang. Dat fernaam ik okkerdeis doe’t ik in tekst fan in korrektor weromkrige. Hy hie yn de neikommende sin it lidwurd oanpast: “De appelsop, asjeblyft!” Yn it ferhaal waard dy sin útsprutsen troch in ober dy’t in klant syn bestelling oerlanget. De korrektor hat fansels gelyk dat ‘appelsop’ normaalwei it lidwurd ‘it’ krijt. Under ynfloed fan it

Hollânsk binne der grif party Fryskpraters dy't it oer 'de appelsop' ha en it is goed om sokken te korrizjearjen. Doch is de wiziging fan de korrektor yn dit gefal net terjochte. Sjoch mar ris nei de neikommende sinnen:

(1) It spek is wer djurder wurden.

(2) Wy bewarje de hjerringen yn it sâlt.

(3) Wol heit my de spek eefkes oerjaan?

(4) Wêr stiet de sâlt? O dêre!
Sin (1) en (2) litte sjen dat 'fleis' en 'sâlt' ornaris it lidwurd 'it' krije. Wannear't se lykwols ferwize nei in konkreet gerjocht, yngrediïnt of diel fan 'e iterstafel, kinne se faak ek it lidwurd 'de' krije. Sin (3) en (4) litte dat sjen. Der wurdt yn dy sinnen net mear sa lyk nei de stoffen 'fleis' en 'sâlt' ferwiisd, mar nei 'fleis' en 'sâlt' as taastbere kulinêre begripen. Je soenen der yn gedachten 'de plakjes spek' en 'de sâltstruier' foar yn it plak sette kinne.

Itselde gebrûk fine wy by de boppeneamde sin út it boek. 'Appelsop' is dêr de kombinaasje fan it drankje en it glês, en as sadanich in taastber elemint fan it miel. Yn sa'n gefal it 'de appelsop' heel gewoan.

De boppeneamde korrektor is nei alle gedachten sa bang om in hollannisme stean te litten dat er net mear op syn eigen oardiel ôfgiet en 'de sop' rigoereus ôfkart, ek as it folksriem is.

Ien persoan oansprekke mei 'jim'

De kar tusken 'do' en 'jo' is soms dreech. 'Do' kin ûnfetsoenlik oerkomme en 'jo' ôfstannelik. Foar in protte minsken is de oanspraak yn de tredde persoan dan in oplossing. Sa freegje myn studinten faak: "Henk, hat Henk de toets al neisjoen?"

Ik haw op it stuit mar leafst trije studintes dy't noch in oare oansprekfoarm brûke, nammentlik 'jim'. Dêrmei sprekke se net allinne in groepke oan, mar ek ien persoan. It giet dan altyd om ien dy't se net kinne en dy't se te âld fine foar 'do' en te jong foar 'jo'. Se wenje allegear yn 'e noardlike Wâlden en ha bybaantsjes yn winkels en yn in snackbar. Tsjin klanten brûke se dat 'jim' alle trije. Faak wurdt it dan ynkoarte, sizze se: "Wom [= wolle jim] ek in pûdsje?" Tsjin in ûnbekende dy't se it paad freegje, soenen se ek 'jim' brûke.

Hast alle foarnamwurden wurde wolris brûkt as fetsoenlikheidsfoarm foar de twadde persoan iental. De tredde persoan iental wurdt wol brûkt, bygelyks yn it Noard-Frysk fan Dútslân: "koon hi me flicht heelpe?" betsjut letterlik 'kin hy my miskien helpe?', mar wurdt wol brûkt foar 'kinne jo my miskien helpe?'. De earste persoan meartal ('wy') kinne wy út it Nederlânske soarchjargon: "Hebben wij ons boterhammetje al op, mevrouw Jansen?" De twadde persoan meartal komt heel faak as fetsoenlikheidsfoarm foar. It Frysk 'jo', it

Nederlânske ‘gij’ en ‘jij’ en it Ingelske ‘you’ binne allegear ûntstien ús sa’n eardere meartalsfoarm. Yn âlder Dútsk waard ‘Ihr’ (jim) ek wol brûkt as fetsoenlike oanspraak fan ien persoan. Yn modern Dútsk wurdt dêr de tredde persoan meartal (sy) foar brûkt: “Können Sie mir vielleicht helfen?” Allinne fan de earste persoan iental (ik) as fetsoenlikheidsfoarm kin ik gjin foarbylden betinke.

De har-sykte

De Hollânskpraters sitte al gâns in skoft mei in rare krupsje oantangele, en taalkundigen neame dy *de haar-ziekte*. Lju dy’t mei dy sykte oanhelle binne, meitsje allegear wurden froulik dy’t dat net binne. Se sizze dus fan: *de gemeenteraad en haar leden*, ynstee fan: *de gemeenteraad en zijn leden*, wylst *raad* in manlik wurd is. No wit fansels hast net ien mear hokker wurden oft no manlik as froulik binne, mar dat is al ieuwen sa, en de praktyk wie heel ienfâldich: ferwiisde in wurd nei in frou of famke, dan ferwiisden wy dernei as wie it froulik, en fierders brûkten wy de manlike foarm. Dus as wy it ha oer in ûnsidich wurd as (het) *meisje*, dan sizze wy: *Daar gaat ZIJ met HAAR ouders*. En by in fan oarsprong froulik wurd as *tafel*sizze wy: *HIJ staat stevig op ZIJN poten*. By froulike bisten koenen je noch wolris twivelje. Fan in ko sille de measten sein ha: *HIJ staat in de wei*, al wie der grif ek wolris ien dy’t it oer *ZIJ*hie.

Yn formeel skriftlik Hollânsk wienen noch in pear útsûnderingen; guon abstrakte wurden mei útgongen lykas *-heid* en *-ie* moasten neffens de boekjes as froulik behannele wurde: *De overheid en HAAR ambtenaren*.

De *haar-ziekte* sil in jier as tritich âld wêze, en de Fryske wjergader, de *har-sykte*, miskien in jier as wat jonger. Yn it Frysk binne de symptomen boppedat helte dúdliker, mei’t it Frysk net it neutrale *zich* hat. Kinne je yn it Hollânsk noch moai ûndúdlik oer it slachte bliuwe mei in sin lykas *De raad heeft ZICH over de zaak uitgesproken*, yn it Frysk moatte je kieze tusken *him*en *har*.

De learboekjes binne der heel maklik yn: wurden dy’t ferwize nei froulike minsken wurde as froulik beskôge, alle oare wurden as manlik, dus ek dyselde dy’t yn it Hollânsk froulik binne:*De oerheid en SYN amtners*, *de ko en SYN jaar.* En dat slút ek wol min ofte mear oan by hoe’t de Friezen de lêste ieuwen prate.

In pear útsûnderingen lykje der fanâlds lykwols al te wêzen. Sa is it foar in protte Friezen heel gewoan om nei dranken te ferwizen as wienen se froulik:

– *Wat hast yn ‘e kofje?*

– *Ik drink SE it leafste swart.*

Apart is wol dat *har* ynstee fan *se* hjir net mooglik liket.

In nije goarre liket de *harren-sykte* te wêzen. Ik lês de lêste tiid geregeldwei sinnen mei ferwizingen yn it meartal nei ientallige wurden, dus: *Elkenien moat HARREN eigen handoek meinimme*, *Net ien hie wist wêr't HJA hinne moasten*. Dat moat fansels wêze: *SYN eigen handoek* en *wêr't ER hinne moast*. It Ingelsk sil oan dy nijste taalferoaring wol debet wêze. Yn dy taal sizze se al ieuwenlang: *Everone should bring THEIR own towel*, in sprektalige konstruksje dy't troch de polityk korrekte beweging in fêst plak yn de standerttaal krigen hat.

In foarname wurdsoarte

Wurden binne der yn soarten. Guon wurden ferwize nei wat konkreets, lykas 'tillefoan', 'oranje'of 'springe'. Oare wurden ha in wat minder konkrete betsjutting: by 'ûnder', 'de' en 'sille' is men al gâns in ferhaal fanneden om by benadering út te lizzen wêr't se nei ferwize. Noch wer oare wurden ferwize nearne nei. It wurdsje 'dat' yn 'Ik fertelde dat ik yn Ljouwert wenne' hat gjin betsjutting, mar de regels fan ús taal sizze dat wy it brûke moatte om op 'e krekte manier in haadsin en in bysin oaninoar fêst te keppeljen. Dat oare talen it skoan sûnder dy oerstallige ballêst rêde, is dan ek net sa nuver. It Ingelsk hat bygelyks: 'I told I lived in Ljouwert'.

Dan is der noch in tredde skift fan wurden, nammentlik sokke dy't gjin eigen betsjutting ha, mar de betsjutting fan ien as mear oare wurden oernimme. Nim de neikommende sin: 'Rintsje Ritsma fertelde dat Rintsje Ritsma Rintsje Ritsma by it skearen snijd hie.' Nochal muoisum, net? Dan is it al moai dat de koarte wurdsjes 'er' en 'him' besteane: 'Rintsje Ritsma fertelde dat er him by it skearen snijd hie.'

Sokke wurdsjes hite yn it Frysk 'foarnamwurden' en yn it Hollânsk 'voornaamwoorden': se steane 'voor' 'naamwoorden' (zelfstandige, bijvoeglijke) yn it plak en nimme de betsjutting dêrfan oer. Dus: 'er' en 'him' ferwize yn 'e boppesteande sin beide nei dy blonde Lemster dy't sa hurd ride kin.

Hokker foarnamwurd oft it plak fan in 'naamwoord' ynnimme kin, hinget ôf fan it plak yn de sin. Ferlykje dizze twa Hollânske sinnen mar ris:

'Rintsje Ritsma had zichzelf op televisie gezien' en 'Rintsje Ritsma vertelde dat zijn broer hem om televisie had gezien'. Yn de earste sin stiet 'zichzelf' voor 'Rintsje Ritsma' yn it plak, yn de twadde sin jildt itselde foar 'hem'. Litte wy de beide foarnamwurden plakferruilje, dan krije se in oare betsjutting. Besykje it mar ris. Hoe't wy witte hokker betsjutting oft in foarnamwurd krijt, hat heel lang ien fan de belangrykste fragen yn de taalkunde west.

No binne foarnamwurden moai wis ûntstien om it ús by it praten makliker te meitsjen. It is dêrom einliks wat nuver dat wy geregeldwei skynber oerstallige foarnamwurden brûke. Tink mar oan 'De útfiner fan it falium dy moasten se hillich ferklearje.' Dat wurdsje 'dy' kin wol fuort, mar jou se de kost dy't it sa sizze!

Us sprektaal hat noch nuverder fiten. ‘Binne dat de suertsjes dy’tsto seidest datsto se kocht hiest?’ is miskien net in moaie sin, mar men kin sokke útspraken rûnom hearre. De sin sit fol mei folslein oerstallige wurden: ‘de suertsjes’, ‘dy’ en ‘se’ ferwize alle trije nei deselde plakkerige lekkernijen. De Ingelsman kin skoan sûnder de ballêst fan twa foarnamwurden: ‘Are those the sweets you said you’d bought?’

Om jim no net yn ‘e waan te litten dat it Ingelsk safolle praktysker is as it Frysk, ien moai tsjinfoarbyld. ‘Do you think so?’ mei twa foarnamwurden, kin by ús mei nul: ‘Tinkst?’

‘De man’ als voornaamwoord

Voor sommige sprekers van het Nederlands heeft de woordgroep ‘de man’ een functie die hij voor anderen niet heeft. Dat zie je aan het volgende fragment:

- *Mijn vader kon op geen enkele manier een gesprek voeren. De man sprak geen woord Engels.*

In dat fragment kan ‘de man’ worden geïnterpreteerd als een willekeurige mannelijke gesprekspartner van de vader. In die interpretatie spreekt de vader vermoedelijk wel Engels, maar zijn gewenste gesprekspartner zeker niet. Die gesprekspartner is dan óf al bekend, óf er is sprake van een vertelling die *in medias res* begint. Die interpretatie is voor dit stukje verder niet zo interessant.

Daarnaast zijn er sprekers van het Nederlands voor wie ‘de man’ juist de vader van de spreker is. De gedachtegang van de spreker loopt dan door van de eerste zin naar de tweede en ‘de man’ wordt gebruikt om te verwijzen naar de persoon over wie in de eerste zin al iets werd medegedeeld. ‘De man’ heeft dan dezelfde functie als het persoonlijk voornaamwoord *hij*. De woordgroep ‘de man’ lijkt hier dus zelf een beetje op een voornaamwoord. Voor mijn gevoel is er wel een verschil in gebruikswaarde: ‘de man’ klinkt informeler dan *hij*.

De man / de vrouw

Het aparte is nu dat ‘de man’ die voornaamwoordfunctie wel heeft, maar ‘de vrouw’ niet. In het onderstaande verhaaltje kan ‘de vrouw’ niet naar ‘mijn moeder’ verwijzen:

- *Mijn moeder kon op geen enkele manier een gesprek voeren. De vrouw sprak geen woord Engels.*

De enige mogelijke interpretatie is dat de moeder vermoedelijk wel Engels spreekt, maar een persoon met wie ze wil praten niet. Ook woordgroepen als ‘de jongen’ en ‘het meisje’ kunnen de voornaamwoordfunctie niet krijgen. Verder is het ook bij ‘de man’ niet goed mogelijk om woorden toe te voegen: ‘de aardige man’ of ‘de belezen man’ kunnen in het genoemde verhaaltje niet op ‘mijn vader’ slaan.

Wel zijn er een paar langere woordgroepen die stilistisch niet neutraal zijn, maar die wel een vergelijkbare voornaamwoordelijke functie lijken te kunnen vervullen. Ik kon ‘de beste man’, ‘de brave borst’ en ‘de goede ziel’ bedenken. Ook inherent pejoratieve woordgroepen zoals

‘de etterbak’ en ‘de trut’ kunnen verwijzen naar de persoon over wie het gesprek op dat moment gaat, maar dan natuurlijk met een sterke negatieve lading.

Fries

In het Fries bestaat het gebruik van ‘de man’ als voornaamwoord ook. Ik werd me er laatst bewust van, toen een Drentse kennis laatst voor de grap iets in het Fries op Facebook schreef. Een Friezin reageerde daarop met ‘De man praat Frysk, nea witten doe’t er noch myn baas wie’ (‘De man spreekt Fries, nooit geweten toen ie nog mijn baas was’). In het Fries heb je wel een vergelijkbare woordgroep voor vrouwen, namelijk ‘it minske’, maar ik geloof niet dat daar een stilistisch voldoende neutrale tegenhanger van in het Nederlands bestaat.

Zoals het Friese voorbeeld laat zien, kun je in het Fries ‘de man’ ook naar een persoon laten verwijzen die niet genoemd is, maar die aanwezig is bij het gesprek. In vaktaal: de woordgroep wordt dan *deiktisch* gebruikt. Zo kun je tegen (of over) een man of een jongen die de ruimte betreedt, zeggen:

- *Dêr hast de man!* (‘Daar heb je de man!’)
- *Dêr wie de man al!* (‘Daar was de man al!’)

Ook daar zijn groepen als ‘de vrouw’ en ‘de aardige man’ uitgesloten. De uitspraken hebben in het Fries een sterk idiomatisch karakter en de taalgrenzen zijn bij zulk idioom in Friesland nogal poreus, waardoor ik het moeilijk vind om uit te maken of ze in het Nederlands ook mogelijk zijn.

Verspreiding

Ik heb bij collega’s en via Facebook wat rondgevraagd naar de aanvaardbaarheid van het voornaamwoordelijke ‘de man’. Dat is natuurlijk geen heel betrouwbare methode, maar ik krijg in elk geval een beetje het beeld dat het in Friesland heel gebruikelijk is. Sommige Friese kennissen zeiden dat ze het in zowel het Fries als het Nederlands gewoon vonden, sommige zeiden dat ze het vooral in het Fries gebruikten, andere juist vooral in het Nederlands. Een Groningse collega vond het voornaamwoordelijke gebruik van ‘de man’ wat ongebruikelijk, maar ‘de vrouw’ volledig uitgesloten. Iemand uit Nijmegen noemde het “iets dat je in een oud boek kunt tegenkomen”. Uit de rest van Nederland en Vlaanderen heb ik geen reacties gekregen.

In hoeverre andere talen vergelijkbare woordgroepen hebben, weet ik niet, maar ik krijg de indruk dat in het Engels ‘the guy’ en ‘the bloke’ op dezelfde manier kunnen worden gebruikt als in het Nederlands ‘de man’. Zo vond ik op internet de volgende fragmentjes:

- *I spoke with Garmin, **the guy** thought I was telling him that I was having a communication problem between the chartplotter and the VHF !!*
- *I’ve said this before but there are players, some players, who for reasons you can’t entirely put your finger on, get right up your nose – like Arjen Robben. Clearly **the bloke** is a top footballer, despite possessing a right foot that couldn’t be guaranteed to kick a stationary space-hopper.*

Heal

Deze week bespreek ik het woord “heal”. Dat dekt in veel gevallen de betekenissen die het Nederlandse “half” heeft. Een paar voorbeelden:

– De bern krigen elk in heale par. (De kinderen kregen elk een halve peer.)
– Beppe mei foar heal jild mei de trein. (Oma mag voor half geld met de trein.)
– It glês wie healfol. (Het glas was halfvol.)

“Heal” komt ook in allerlei samenstellingen voor. Soms wijken die af van het Nederlandse gebruik. Vaak verandert in samenstellingen de tweeklank van “heal” in -je- (“breking”), maar lang niet altijd.

Met breking:
– It is healwei trijen. (Het is half drie.)
– It twadde healjier wie it dreechst. (Het tweede halfjaar was het moeilijkst.)
– Hy hat in healsliten autootsje oanhannele. (Hij heeft een tweedehands auto gekocht.)

Bij sommige sprekers met breking, bij andere zonder:
– Hy wie noch mar op healwei. (Hij was nog maar halverwege.)
– Mei ik wol n healmingel piteroalje? (Mag ik een halve liter petroleum?)
– Mei healmoanne binne de wjerwolven noch kûm. (Met halve maan houden de weerwolven zich nog koest.)

Meestal zonder breking:
– Se praat wat healbekkich Ingelsk. (Ze spreekt gebroken Engels.)
– Doch net sa healwiis! (Doe niet zo dwaas!)
– Kinst dat boesgroen it bêste ûnder in healwiete doek strike. (Je kunt dat overhemd het beste onder een vochtige doek strijken.)

“Heal” laat zich veel makkelijker dan in het Nederlands met maatsaanduidingen combineren:

– It is healkertier oer sânen. (Het is 7 à 8 minuten over zeven.)
– Dy tsiis kostet in euro it healpûn. (Die kaas kost in euro per 250 gram.)
– In healmingelse flesse. (Een fles van een halve liter.)

“Heal” als bijvoeglijk naamwoord betekent ook “een beetje ziek” of “niet zo lekker”:
– Ik woe efkes ôfsizze, ik bin wat heal. (Ik wilde even afzeggen, ik voel met niet zo lekker.)

Idioom met “heal”:
– As it heal kin … (Als het effe kan …)
– net heal (geheel niet: it woe net heal, hy fertroude it net heal, se koe net heal fan bêd komme)
– heal wurk (slecht werk, slechte prestaties)

“Heal” wordt meer dan het Nederlandse “half” gebruikt als versterking of verzwakking:
– Dat sinniget my mar heal. (Dat bevalt me niet zo.)
– Hy wie mar heal baas mear. (Hij was zijn gezag grotendeels kwijt.)
– Se waard heal wei yn dy bontmantel. (Ze verdween grotendeels in die bontmantel.)
– Ik bin heal fan doel om moarn nei Grins ta. (Ik speel met de gedachte om morgen naar Groningen te gaan.)

Het tellen van halfjes ging in het Fries vanouds op de volgende manier:
0,5 = in heal
1,5 = oarde heal (tweede half), oardel
2,5 = tredde heal (derde half), treddel
3,5 = fjirde heal (vierde half), fjirdel
enz.

Alleen “oardel” is nog in levend gebruik. De vormen voor 2,5 en hoger zijn in de spreektaal verouderd. Op schrift worden ze soms nog wel gebruikt.

'Onmoeilijk’ en ‘net folle’

Henk Wolf

Kollega Eric Hoekstra, dy’t ek geregeldwei stikjes yn dizze rubryk skriuwt, wiisde my okkerdeis op in grappige obstrewaasje; by pearen antonimen (wurden mei in tsjinoerstelde betsjutting) komt it soms foar dat yn in taal ien fan beide foarmen net bestiet of mar allinnich mei frijwat lijen útdrukt wurde kin. In foarbyld. It Hollânsk hat de moaie tsjinstelling tusken*makkelijk* en *moeilijk*. No hat it Frysk wol *maklik*, mar in echte wjergader fan *moeilijk* mankearret. Soms kin men *dreech* brûke, soms *slim* of *lestich*, mar fakernôch moatte wy ús behelpe mei *net maklik*. It is dêrom ek net sa nuver dat lju dy’t de gevens fan har taal net al te wichtich fine, gauris in maklik ûntwyk sykje yn it lienwurd *moeilik*.

Grappich is dat it Russysk wat dat oangiet krekt oarsom is as it Frysk. It wurd *trûdno* drukt wol sawat itselde út as it Hollânske *moeilijk*, mar foar *makkelijk* brûke de Russen meastentiids*njetrûdno* – letterlik: *niet-moeilijk*, *onmoeilijk*. Soks dogge wy fansels ek by wurden sûnder dúdlik tsjinoerstelde, lykas yn *ûnaardich* of yn it Hollânsk *oninteressant*.

No, tocht Eric, dat ûnderskied tusken it Frysk en it Russysk moat hast wol wat oer it folksaard sizze. Friezen nimme it har ta eare dat se har saken sûnder kleien dien meitsje. Om te sizzen dat in put *moeilijk* is, soe net strike mei it Fryske folksaard, dat sadwaande soe in wurd dêrfoar net oerlibbe ha. Oarsom soenen de Russen oeral swier oan tille, leaver lui as wurch wêze, en dus graach fan wat sizze dat it *trûdno* is. At it dan al tafalt, dan moat it noch net te entûsjast en komt de Rus op syn heechst mei: *nje trûdno* (‘*niet moeilijk’*), dêr’t dan wer it wurd*njetrûdno* út ûntstien is.

In moaie teory fansels, mar it sil altyd wol in spekulaasje bliuwe wat derfan oan is. Oer in oar pear antonimen yn it Frysk is lykwols wol mei wissichheid wat te sizzen. Ik bedoel dan de oersetting fan it Hollânske *veel-weinig*. Beide wurden hat it Frysk gjin oersetting foar: *weinig geld* wurdt *in bytsje jild* of *net folle jild*. Foar *te weinig geld* moatte wy *te min jild* of *net genôch jild* brûke. *Veel geld* wurdt *in protte/soad/bulte jild* en sokke dinge mear, wylst *te veel geld* yn it Frysk *te folle jild* is.

It Noardfrysk hat wol wurden dy’t oerienkomme mei *veel* en *weinig*. Yn it Mooringer dialekt binne *Hi heet foole giilj* en *Hi heet lait giilj* goeie oersettingen fan de Hollânske sinnen. Dat is tagelyk de âlde sitewaasje yn ús Westerlauwersk Frysk. Dat hie yn ‘e njoggentjinde ieu ek noch gewoan de wurden *folle* en *lyts* foar *veel* en *weinig*. It hat derfan dat de Friezen dy wurden yndied stoefernôch fûnen en útwykten nei omskriuwingen, mei as gefolch dat *folle* inkeld noch mei *te* of in neehiting brûkt wurde kin en *lyts* yn ‘e betsjutting *net folle* helendal ferdwûn is. Dêrtroch sitte wy no mei in tige ‘ûnmaklik’ systeem oantangele.

Grien as blau

Henk Wolf

Groter als of *groter dan*: de Hollanners sille wol nea ophâlde te sizzen dat it doch benammen it lêste heart te wêzen. Likegoed brûkt de grutte kliber beide fleurichop trochinoarhinne. En yn ús Westerlauwersk Frysk is dat fansels al net oars: *grutter as* en *grutter dan* binne beide poerbêst Folksfrysk, al is de noarm foar de skriuwtaal op it heden *grutter as*. Sa net, dat hat ek wol oars west; om 1900 gong *grutter dan* noch foar geefst. Dat jout ek mar oan hoe arbitrêr oft sa'n taalnoarm eins is.

De wurdsjes *dan*, *as*, *at*, *al*, *dat* en *of*binne yn it Frysk likegoed in boarne fan betizing. De Afûk hat allegear kreaze regels betocht foar it gebrûk derfan, mar de trochhinne Fries hat dêr út noch yn gjin boadskip oan. Jan Popkema hat dêr yn it tydskrift Us Wurk (1979) in tige nijsgjirrich stik oer skreaun ûnder de titel *As alle assen ien as wiene*.

Mar ta ús rûfeltsje lytse wurdsjes – men heart bygelyks: *Ik wit net at er komt* njonken *Ik wit net of er komt* en *Ik wit net as er komt*, al sille de measten wol skriuwe: *Ik wit net oft er komt*. Men heart: *At it ien oere is, giet de skoalle út,* mar ek: *As it ien oere is, …* Men heart: *Ik tink dat er komt*, mar ek *Ik tink at er komt*. Allyksa: *Is dit blau of grien?* njonken *Is dit blau as grien?* En: *Al kaam de paus op besite, ik gean no fuort* njonken *As kaam de paus …* En de betizing hat noch grutter west. Ut de 17e-ieuske sprekwurdgjirring fan Burmania komt:*Dat de Hymel foel, soo wieren alle fouglen vinsen*. No soenen wy fansels sizze: *As de himel foel, dan wienen alle fûgels finzen* of *At de himel foel …*

De betizing tusken al dy wurdsjes sil grif te krijen ha mei de oerienkomst yn foarm: se binne allegear ienwurdliddich en ha almeast it o-lûd fan *hok*. De útspraak mei it a-lûd fan *dak* komt ek wol foar. Neffens my is dat sels yn *of* it gefal, as dat gjin klam krijt: de útspraak *ien af twa* komt my alheel net nuver oan.

Nijsgjirrich is benammen it wurdsje *at*. Der is al heel wat ôfskreaun oer wêr't dat wurdsje weikomt. It kin wêze dat it út *dat* ûntstien is, krekt as yn de Skandinavyske talen, mar der wurdt ek wol útholden dat it komt fan *ocht*, in no útstoarne njonkenfoarm fan *oft*, dat alteast op skrift noch bestiet. De *ch* kin dêr maklik weilitten wurde, tink mar oan de gebrûklike útspraak *Hy dot* foar *Hy docht*.

Wat oars: by lytse bern kin men troch dy grimelgrammel fan wurdsjes, nijsgjirrige flaters obstrewearje at se Hollânsk prate wolle. Kunde fan my kaam mei it foarbyld: *Ik weet niet als zij komt*. En útspraken lykas *Is dat groen als blauw?* en *Ik weet niet wie als dat er komen* kin men fan Friezen ek wol heare.

Ut: S.T. Hiemstra (2008), Kursus Frysk Skriuwen. www.ffu-frl.eu

Bynwurden

It bynwurd kin ek it wurdsje *dat* en *oft* wêze: It stiet wol fêst, *dat* er komt; Ik leau net, *dat* it wier is; Ik tink, *datst* gelyk haste; Hy wie op syn iepenst, *dat* er net ferrifele waard; It koe net, *dat* wy hawwe it mar meijûn (de bysin hat de foarm fan in meidielende haadsin). Opmerklik binne de konstruksjes: Wa tinke jo, *dat* it dien hat? Om hoe let sei er, *dat* it klear wêze koe? It earste sindiel fan de haadsin heart by de bysin. It wurdsje *oft* wurdt meast útsprutsen as *o't*: Ik wit net, *oft* dat wol wier is; *Oft* (leaver: *As*) er sà wol, sil ik him; It is de frage, *oft* dat kin; Ik frege dy, *oftst(o)* my helpe koest (Sipma, *Ta it Frysk*, 80); Hy hâldt him, *oft* er nearne fan wit; It is, *oft* de duvel dermei spilet; Hy wist net, hokfoar boek *oft* er foar kar nimme soe.

Yn it Hollânsk komt it op foargeande wize brûken fan *dat* en *of* ek wol ris foar: Weet jij, *waar (of)* hij woont?; Hij schrijft niet, *wanneer (dat)* hij komt; En voert mij bij 't rappier op zijde, *Waar dat* gij treedt (Hooft); Geen van beiden weet, *wat dat* het leven is (Kloos). Yn it Hollânsk binne sokke konstruksjes frijwol ferdwûn, yn it Frysk perfoarst net. Yn de rin fan de 19de ieu wurde party foarms mei*'t* fan útsûndering krekt ta regel. Om 1880, 1900 hinne hat dat frijwol syn beslach krige. De *'t* is net allinnich in ferkoarte foarm fan 'dat' of 'oft', mar ek foarms mei *as* geane oer yn *'t*. Van der Woude jout as ferklearring dat de algemien hearskjende *betizing* tusken *as*, *of* en *oft* (*o't*, *at*) hjir mei ûnder skûlet. Sa kin earst 'hoefier oft' oer 'hoefier o't' wurde ta 'hoefier't'. Mar dan kin ek maklik 'safier as' oer 'safier o't' oergean ta 'safier't'. De *'t* is neffens Van der Woude sa stadichoan o sa produktyf wurden: de *'t* tsjinnet langer yn´t Frysk om oan te jaan, dat der in *ferbân* is mei in foarôfgeande of folgjende sin.

J.K. Dykstra brûkt *oft* noch fakultatyf yn sinnen as: Hoe let (oft) jo ek komme, jo binne altyd wolkom, Hoe moai (oft) Fryslân is, is mei gjin pinne te beskriuwen (s. 210 fan *Op 't aljemint*). Buma en Tjepkema (*Efkes taelbuorkje*, 247) binne fan betinken dat *oft* yn sokke sinnen nèt neffens eigen (foar)kar weilitten wurde mei: Hoe wis *oft* de lear is; Hokfoar brief *oft* dêr leit, wit ik net; Hoefolle *oft* it ek wer wie, doar ik net mear sizze. A. Feitsma brûkt *oft* (almeast skreaun as 'ot'*)*, foarsafier't ik neigean kin, ek systematysk wòl yn sokke sinnen. Foarbyld: Nijsgjirrich is yn dit ferbân de fraach yn hokfoar taal *oft* de minniste lekeprekers yn en bûten de Fermanjes it wurd fierd hawwe.

WB-I jout as foarbylden fan 'oft': a. 'Of' (ûnderskikkend): Ik sil ris hearre, *oft* it wier is; *Oft* dat sa is, sil aansen bliken dwaan. *Oft* er wol of net, hy moat. *Oft* ik ek útnaaie soe! Sjoch ris hoe'n moaie blom *oft* dat is, hoe moai *oft* dy blom is. b. 'alsof': Hy die krekt *oft* der neat bard is. Hy iet *oft* er yn trije dagen neat hân hie.

Foar de staveringsferoaring fan 1945 skreau ien gauris *oft* noch as *eft*. Lykas ek *ef* foar *of*. Dat sil noch wol in oerbliuwsel west hawwe fan it Aldfryske 'ieftha' of mei in oare foarm 'jeft'.

Oft moat net betize wurde mei *ofte*, want dat is de âlde foarm fan *of*, dy't noch bewarre bleaun is yn sinnen lykas: a. 'Of' (lykskikkend): Stiet dy toer net min *ofte* mear út it lead?;

Giest ek mei, ja *ofte* nee; Min *ofte* mear. b. ‘noch’: Hy kin it hyn *ofte* nei (net) tsjin my hâlde mei damjen (ek: hein *ofte* nei); Nea *ofte* nimmer/ninter.

De bynwurden *of*, *oft* en *as* wurde faak trochinoar helle. *Of* wurdt brûkt krekt as it Hollânske *of* tusken twa haadsinnen of twa lykweardige sinnen. Ingelsk: *or*; Dútsk: *oder*. Bygelyks: Hy komt thús *of* hy giet fuort (by in tsjinstelling). Ferlykje yn it Ingelsk: Would you like tea *or* coffee; Tell me *or* I’ll kill you. Ferlykje yn it Dútsk: ‘früher *oder* später’; ‘entweder du, *oder* ich''.

Oft wurdt brûkt tusken in haad- en in bysin (by in fraach of twivel). Ingelsk: *if, whether*; Dútsk: *ob*. Bygelyks: Hy frege my, *oft* ik it dwaan woe (He asked *if* I could do it); Ik wit net, *oft* ik it dwaan kin (I don’t know *whether* I can do it). Ferlykje yn it Dútsk: Ich frage mich, *ob* er kommen wird.

As wurdt brûkt foar it Hollânske *als* en *dan*. Bygelyks: Klaske is grutter *as* Jan (ferliking); It is sa *dúdlik as* it mar kin; Do krigest iten *as* it tiid is, no net; *As* de loft delfalt, hawwe wy allegearre in blauwe mûtse op (betingst); *As* ik it mar oan tiid hie, dan soe ik it wol dwaan; Hy is sa goed net, *as* er him hâldt; *Ast* it wolst, kinst it mar dwaan.

De bynwurden *as* en *oft* wurde soms trochinoar brûkt yn sinnen as: *Oft/as* der net in stoel stien hie, dan wie ik oer de grûn trûzele; *Oft/as* Jan strak út skoalle komt, moat er earst nei de bakker. Yn sinnen mei sa’n ‘indien’-karakter jou ik mei ien as Tsjepkema (s. 247) de foarkar oan *as* as standertfoarm. Ferlykje ris mei it Ingelsk: It wie krekt *as* soene se oerein gean/It was just *as if* she were going to stand up; Hy die as hied er it net murken/He acted *as if* he had not noticed it.

Yn guon teksten komt men wolris de foarm ‘at’ (by Feitsma ‘ot’) tsjin. It WB-I seit dêrfan: ‘In spreektaal en soms in schrijftaal voor *as*, *oft*.’ Guon tinke dat *at* oer *oft/o’t/ot* ûntstien is, oaren sjogge der mear in assimilearre foarm fan *as* yn (Tsjepkema, 247-248). Mei *at* foar *as* en o*ft* giet it sichtbere ferskil tusken dy beide wurdsjes ferlern. Soene jo in sin lykas: ‘*As* er dy freget, *oft* ik ek meidoch, dan seist mar nee’, ynruilje wolle foar: ‘*At* er dy freget, *at* ik ek meidoch ...’? Omdat it brûken fan *at* betizing jaan kin mei *as* en *oft* en (ekstra) problemen jout by it oanlearen, kin dy fariant mar better net brûkt wurde as standertfoarm. Yn Afûk-ûnderwiislearmateriaal foar leargongen heart *at* (as gefolch fan in DB-beslút) dan ek net foar te kommen.

Ferbiningswurden dy’t in *haadsin* en in *bysin* ferbine, krije yn it Frysk hast altyd *’t*, dy’t útsprutsen wurdt. Om in haadsin fan in bysin te ûnderskieden, moat men besykje om *in wurdsje/wurdsjes* tusken ûnderwerp en persoansfoarm te setten: yn in haadsin kin dat net, yn in bysin wol. In formeel ûnderskied tusken **byn**wurden en **by**wurden is: ***byn***wurden bewurkje gjìn omkearing (ynverzje) fan ûnderwerp en persoansfoarm (ferl.: **Doe’t** ik (letter) thúskaam ...; **Wêr’t** er (*dan*) wennet, wit ik net), ***by***wurden dogge dat wòl. Ferl.: **Doe** kaam ik (letter) thús; **Wêr** wennet er (dan)? Yn de beide haadsinnen kin ‘letter/dan’ nèt tusken it ûnderwerp en de persoansfoarm stean. De sinnen soene ûngrammatikaal wurde: *Doe kaam (letter) ik thús. Der binne lykwols ek foarms sûnder ferbinings-*t* (lykas) en it kin ek

foarkomme dat de ferbinings-*t* deroan fêstsit (wylst, sûnt). De bynwurden hoege net perfoarst tusken de sinnen te stean, mar kinne ek oan it begjin fan de earste sin stean. Se steane wol altiten foar de bysin: Doe*'t* ik al op bêd lei, kaam myn frou earst thús.

Koart oersjoch bynwurden

Hjirûnder folget in koart oersjoch. Dat kin in stipe wêze by it skriuwen fan teksten.

1. *Underskikkende **byn**wurden sûnder ferbinings-t*:
- as: As it net kin, moat it mar oergean (der wurdt in *betingst* útdrukt).
- al: Al kaam er let, hy kaam dochs.
- lykas: Lykas ik al sei, ik haw it net oan tiid.

2. *Underskikkende bynwurden dy't wòl útgeane op in -t*:
- dat: Hy sei, dat er net komme koe; Dat it trochgiet, is wol wis; Hy moast nei skoalle, dat hy helle de fyts út it hok; Se fytste (sa) hurd, dat se net de lêste wêze soe.
- oft: Ik wit net, oft ik wol mei; Ik twivelje der oan, oft it goed komt; Hy frege, oft ik mei mocht (Ingelsk: 'whether, if') Opm.: *Dat* en *oft* binne 'neutrale' bynwurden; se sizze neat oer de ferhâlding tusken de dielen dy't se ferbine.
- wylst (soms: wyls't): Wylst wy dêr sieten, begûn it te reinen.
- oant: Wy wachtsje oant it droech is; Oant it nij jier hjir is.
- sûnt: Sûnt hy (klam!) hjir is, is it hieltyd rûzje. - omdat: Ik bin let, omdat ik in gearkomste hie (der wurdt in *reden* útdrukt).
- trochdat: Trochdat it salang duorre, kamen wy te let thús (der wurdt in *oarsaak* útdrukt).
- sadat: It reinde dat it easde, sadat wy dweiltrochwiet waarden (*gefolch*). Opm.: Wurde *sa* en *dat* skaat, dan jout dat gefolch tagelyk in *graad* oan fan it foargeande: It waaide *sa* fûl, *dat* der tûzenen beammen sneuvelen. Hy waard *sa* lulk, *dat* er alhiel weiloek.
- meidat: Meidat ('omdat, aangezien; doordat') it reinde, moast it oergean; Meidat ('terwijl') Ruerd deryn kaam, gong ik fuort. - foardat: Foardat er fuortgong, joech er my in brief.
- mits: Ik wol wòl, mits oft [= mitsdat] er frij kriget. Ik wol wòl, mits hy ek meidocht.
- wat ... wat: Wat mear as it keal friet, wat grouwer as it waard; Wat âlder wat better.

3. *Underskikkende bynwurden mei in losse ferbinings-t*:
- doe't: Doe't er kaam, wie ik der net; It wie in tiid doe't de arbeiders it net sa bêst hiene.
- ear't: It kin lang duorje, ear't er thúskomt; Ear't it sa wurdt, soe ik der mar wat oan dwaan.
- nei't: Nei't er operearre is, hat er gjin lêst mear hân.
- wannear't: Wannear't er komt, wit ik net (*tiids*relaasje); Wannear't er dy bedragen hat, moat er dy jild jaan (in *betingst* wurdt útdrukt).
- hoe't: Hoe't it komt, wit ik net.
- no't: No't wy in auto hawwe, kinne wy maklik komme.
- (al)hoewol't: Hoewol't ik it frege haw, wit ik noch neat.
- dêr't: It doarpke, dêr't ik berne bin (antesedint).
- wêr't: Hy frege my, wêr't ik weikaam; Wêr't er wennet, wit ik net (freget nei in *plak*).
- sa't (selde betsjutting as *lykas*): Sa't it no stiet, kom ik nije wike. Ferl.: Sa'st (sast(o)?) sjochste, binne wy net ryk. Ing.: As you see, we are not rich.

- om't (selde betsjutting as *omdat*): Hy komt hjoed net, om't er siik is.
- troch't (selde betsjutting as *trochdat*): Troch't er opholden waard, wied er nochal let. *Troch't* komt yn de praktyk eins net foar.
- mei't (selde betsjutting as *meidat*): Mei't sy der ynkaam, wiene se allegearre stil; Mei't der net mear safolle studinten komme, binne de kolleezjes opholden. - foar't (selde betsjutting as *foardat*): Foar't ik der erch yn hie, wie it al sa. - dy't: De âlde fiskers dy't op 'e bank sitte.
- hoewol't: Hoewol't ik har net sa bêst ken, sil ik har in oanbefelling jaan.

Ferfalt de ferbinings-*t* by de twadde persoan iental? As der gearheapping fan bylden is by kombinaasjes mei *at/oft*, dan falt de *t* neffens Tiersma (s. 99) ornaris wei om dy kloft wat te ferienfâldigjen. Ferl. Sipma (III, s. 80): Ik frege dy, *ofst* my helpe koeste. Tsjepkema (s. 247) skriuwt lykwols: Mar ris ôfwachtsje *oftst(o)* it wol úthâlde kinst. Neffens Jarich Hoekstra en inkelde taalkundigen fan de Fryske Akademy is der net in echte regel yn de sin dat ien, bgl. in autoriteit, sein hat hoe't it al en net moat. Sy binne lykwols fan betinken dat der gjin inkelde reden is om de bynwurd-*'t/-t* yn de stavering wei te muozjen. De noarm moat dus winliken wêze: ***oftst, sa'tst, no'tst, doe'tst, dy'tst, dêr'tst***, ensfh. (sjoch ek R. de Haan, *Mei freonlike groetnis*, 1995, s. 129)

It Frysk hat in fonologyske regel dy't in *t* weifalle lit foar *-st*. Dus *ytst* wurdt útsprutsen as [ist]. Yn 'e stavering fan it Frysk wurdt dat weifallen fan de *t* lykwols nea honorearre. Wy skriuwe *ytst* mei in *t*, hoewol't wy him nea útsprekke. Op 'e selde wize hearre wy ek *ofts*t, ensfh. te skriuwen, sels al bliuwt de *t* yn 'e útspraak wei. As it grûnwurd op *-st* útgiet en der komt in útgong *-st* efter, dan kriget men *ûntdûbeling*: *stst* > *st*. Net allinnich yn 'e útspraak, mar diskear ek yn 'e stavering. Wy skriuwe bygelyks (do) *rêst* en net **rêstst*, hoewol't dat logysk wêze soe. En sa skriuwe wy by bynwurden ek *wylst(o)* en net *wylstst(o).

Ferlykje ek Tiersma (s. 62): Dat is de jongfaam *dy'tst* kenst. *Kurze Formenlehre* (s. 21): Do, *dy'tst'* neat fan soks hawwe moast. *Beknopte Friese vormleer*: Dû *dy'(ts)t* wit(st) fan wa't alles is wat hjir leit (s. 30).

Sykje no ris by do yn WB-I (s. 181). Dêr fine jo û.o.: *doesto, noosto* en *dêrsto*. Dy konstruksjes kinne dus mar better mijd wurde. Ferlykje ek *Mei freonlike groetnis* (s. 129) oer dy kwestje (sjoch ûnder de stekwurden *wêr't* en *dêr't*).

Opdracht

A. Folje no mei-inoar yn de groep (of thús) yn: *-,'t*:
Doe (...) wie se klear en kaam nei hûs. Doe (...) se klear wie, kaam se thús.
Ear (...) de winter foarby wie, wiene se troud.
Nei (...) er operearre is, hat er nea gjin lêst wer hân. Hy praat nei (...) er wiis is.
Wannear (...) komt er thús? Wannear (...) er thúskomt, wit ik net.
Wêr (...) Sake wennet, kin 'k net sizze. Wêr (...) wennet Sake eins?
B. Folje no (thús) de bynwurden *as, al ,of, oft* en *ofte* yn (frij nei *Styl en Stavering*, 71-72):
1. Hjoed ... moarn sil Pyt my wol sizze, ... er it dien hat ... net. 2. Durk moast op it lêst tajaan, dat it min ... mear syn eigen skuld wie. 3. Ik soe dy man net wer kenne, ... stroffele ik oer him. 4. It like wol, ... Jehan it net wêze woe. 5. It like wol, ... woe Aly it net wêze. 6. ... Lammert it boek weibrocht hat ... Samme, dat docht net ta de saak. 7. By it hearren fan it nijs

wie it Kees, ... sonk er troch de grûn. 8. Ik soe him neat dien hawwe, ... hied er my ek noch sa narre. 9. It wurdt net wer goed tusken ús, ... hy moat earst skuld bekenne. 10. Peter skepte yn ’e snie om, ... hong it libben deroan. 11. Ik kin jimme hyn ... nei net sizze, hoe let ... wy jûn werom komme. 12. Do moatst no sels mar sizze, ... dyn jild barre wolst, ja ... nee. 13. ... sneontejûn by my komste, kinst myn nije boekekast sjen. 14. Dat is like lang ... it breed is. 15. Hy woe en hy soe de priis winne, ... soe de ûnderste stien ek boppe. 16. Ik kin de jûns net wer werom, ... it moast wêze dat der nei tolven noch in bus rydt.
Bepraat eventuele problemen (letter) yn de groep.

Folchoarderswierrichheden yn it Frysk (I)

Yn de didaktyk fan it Frysk op de skoallen liket de lêste jierren wat omtinken te kommen foar de goede folchoarder fan de *tiidwurden* yn it Frysk. Foar de folchoarder fan oare wurden, lykas **dêr** en **hjir,** is dat omtinken der amper of net. Net mei rjocht, tinkt my. Dy hawwe yn de sin in plak dat gauris ôfwykt fan de Hollânske folchoarder. Under ynfloed fan dy lêste taal kin dat plak yn in Fryske sin op in slûpende wize ferskowe en feroarje en liede ta syntaktyske ynterferinsje. Dat probleem fertsjinnet lykas de tiidwurdsfolchoarder likegoed mear omtinken.

Ik lis yn dit artikeltsje de klam op it plak fan **hjir** en **dêr** yn de sin. Swierrichheden mei oare wurdsjes kinne dan letter wolris op it rabat komme. As der in stjerke (*) by stiet, dan doocht de folchoarder net.

Sytze Hiemstra

Kom *net hjir!

Kombinaasjefragen

It deart my oan as ik in kombinaasje hear (of lês) lykas yn de kop fan dit stikje stiet: Kom **net* hjir**! Tinkt men dan net: 'Doocht dat wol?' Is dat ek net it gefal as men sinnen tsjinkomt lykas: Ik haw *in lampke* **dêr/ hjir**; Sy wennet *hielendal* **dêr**; Hy komt *nei* **hjir**; Dy wei rint (net) *lâns* **hjirre**; Dat die se *dus* **dêr**; *Ek* **hjirre** moat dat kinne; Dat leit *noch* **dêr**; Hy komt *allinnich mar* **hjir**; Jou dat mar *even* **hjir**. Moatte de fetprinte bywurden fan plak **hjir** en **dêr** net (ferplichte) foar de oare skeanprinte wurdsjes stean? My tinkt fan wol.

No giet it boppe benammen om kombinaasjes fan ferskillende bywurden mei it bywurd fan plak: *dêr(e)/ hjir(re)*. Dêr binne wy der net mei, want wat tinkt jo fan de neikommende bywurdkombinaasjes: Sil ik it *dêrfêst (net, earst, lieuer)* **no** keapje? Do kinst it *better* **dan/ daliks** dwaan! Wurkest *ek (net, altyd, fiek, allinnich, wer, mar, lieuer, better)* **jûns**? Moatte de fetprinte *bywurden fan tiid* winliken net foarop?

Hoe sit soks mei oare wurdsoarten lykas *foarnamwurden*? Bygelyks bywurdkombinaasjes mei *oanwizende* foarnamwurden as *dy, dat, dit* en *dizze*: Kinst *better* **dy** delsette; Ik sil *efkes* **dat** oprêde; Dan wol ik *earst* **dit** oan hawwe; Ik ha dus *net* **dit**; Ik haw *lieuer* **dy**; Sy docht it *ek* **sels**? Hiel wat kombinaasjes klinke ús grif raar (Hollânsk) yn 'e earen, mar is alles ûnfrysk? Is der wolris oer skreaun? En by wa komme sokke kombinaasjes foar?

Wat is der oer skreaun?

Oant no ta is der net folle oer soksoarte gefallen publisearre. S.W. Douma (= Douwe Kalma, yn it *Frysk taeleigen-boekje. It tûch dernâ, 1946*) en Jan Stienstra (yn *Taalboek foar begjinners*, 1982[9]) jouwe mar in pear foarbyldsjes, wylst *ek* yn *Foar de taalspegel* (1984) wat te finen is (of is it eins better om te skriuwen: 'wylst yn *Foar de taalspegel ek* wat te finen is?'). Kalma jout op it stik fan de wurdfolchoarder 'mar in pear lytse dingen' sa't er sels seit: Kom *ears* **hier**: Kom **hjir** *ris*! Kom ris harren (s. 16). Stienstra jout yn in oefening in pear sintsjes om te ferbetterjen: Kom ******ris* **hjir**; Dat is ******mar goed* **ek** (*Sneon Frysk VII*, s. 61). Al syn oare foarbylden hawwe mei de *tiidwurd*-folchoarder te krijen.

Foar de taalspegel befettet allinnich inkelde probleemgefallen mei *ek* en *hjir* (s. 77-78): Dat is ******mar goed (mooi)* **ek**; Kom ******mar* **hjir**; Sjoch ******ris* **hjir**; Dat is de reden dat ik ******net* **hjir** wie. Dat hie yn geef Frysk wêze moatten: Dat is **ek** *mar goed (mooi)*; Kom **hjir** *mar*; Sjoch **hjir** *ris*; Dat is de reden dat ik **hjir** *net* wie.

In net maklik (wittenskiplik) artikel fan Jarich Hoekstra mei de lange titel *In nijsgjirrige folchoarderbehieining yn it Frysk en it spjalten fan foarnamwurdlike bywurden* (yn: *Philologia Frisica, anno 1993*, Ljouwert, FA 1994) is foar ús doel fan mear belang. Hoekstra hat foar fakliu skreaun en brûkt sadwaande nochal spesjalistyske taal. Hy besiket om soksoarte fan folchoarderferskillen tusken it Frysk en it Hollânsk yn in teoretysk ramt te setten en te ferklearjen. It docht bliken dat gâns kombinaasjes dy't der wol op troch kinne yn it Hollânsk, yn it Frysk net tastien binne. Yn it Frysk komt it *folle krekter*. J. Popkema refereerret yn syn *Grammatica Fries* (2006) ek oan dat artikel (s. 286).

Hjir en dêr

Yn it Hollânsk binne neffens Hoekstra twa folchoarderfarianten goed. It kin yn dy taal lije en sis of skriuw: Kom *ears* **hier** (daar)/ **hier** (daar) *ears*! En: Kom *ears* **hierin** (**daarin**)/ Kom **hier** (**daar**) *ears* **in**!' Fan 'echte' Hollanners heart men frijwol altiten de earste fariant. Yn it Frysk is allinnich de lêste fariant mooglik: Kom **hjir** *ris*; Kom **hjir** *ris* **yn**. De frekwinte Hollânske folchoarder beynfloedet it Frysk fan Frysktalige jonge(re) minsken al ier en betiid as se tefolle Hollânsk hearre (en lêze). Mar by net-Frysktaligen dy't it Frysk letter leard hawwe, bliuwt de Fryske sinbou ek in probleem. By harren kinne wy tsjinkomme: Knotter komt ******aanst* **hjir**; Set dat ******efkes* **dêr** del; Gean ******ris* **hjir** stean; Ik kin dat ******better* **dêr** lizze; Wy sille dan ******flugger* **dêr** wêze; Miskien leit it ******al* **hjir**; Asto ******ddiks* **dêr** biste ; Dat leit ******net mear* **hjirre**; Ik wol ******leaver* **hjir** stean, ensfh.

Sinbouswierrichheden mei twa bywurden efterinoar jilde net allinnich foar kombinaasjes fan **hjir/ dêr** mei *ris*, mar komme likegoed foar yn 'e mande mei (oare) bywurden. Bygelyks mei *modale* wurdsjes lykas *ek, dan, doch(s), no, mar, wol* ensfh. In stikmannich foarbylden; earst de goede Fryske folchoarder en tusken heakjes de gauris opmurken ferkearde:

- Hast it programma **hjir** *ek* (******ek* **hjir**)?
- Wennet dyn suster **dêr** *dan* (******dan* **dêr**)?
- Sjoch **hjir** (**dêr**) *dêchs* (******dêchs* **dêr**)!
- Lis dat boek **dêr** *no* (*****no **dêr**)!
- Set dy blommen **hjir** *mar* (*****mar **hjir**)!
- Ik gean **dêr** *wol* stean (*****wol **dêr**).

Utsein by modale wurdsjes, komt it ferskynsel ek foar by oare, almeast bywurdeftige wurdsjes lykas *al, noch* en *ek* (graad), *net* (ûntkenning) en *wer* (tiid):

- Is Breimer **hjir** *al* (*****al *hjir*)?

- Leit Dykstra syn boek **dêr** *noch* (**noch* **dêr**)?
- Tsjonge, jo **hjir** *ek*, Hiemstra? (**ek* **hjir**)?
- Van der Bij hat **hjir** *net* mear west (*net [mear] **hjir**).
- Doe siet Valk **dêr** *wer* (*wer **dêr**)!

Net allinnich yn kombinaasjes fan (twa) *bywurden* kin it mis gean, mar likegoed yn dy fan in bywurd mei in *foarnamwurd*. Sjoch mar:

- Gerbrandy leit **hjir** *ien* del (**ien* **hjir**). [*ien* is in ûnbeskaat foarnamwurd]

Wy sjogge dat yn it Frysk **hjir** en **dêr** winliken altiten *foarop* stean moatte. In útsûndering is bygelyks: Hy hinget *it* **dêr**. De folchoarder **dêr** *it* (*it* is in *beskaat foarnamwurd*) is ûnmooglik. Folle flaters sille der net mei makke wurde, omdat yn it Hollânsk ek mar ien folchoarder mooglik is: Van der Veen hangt *het* **daar**. Fan de kombinaasje ***daar** *het* kin itselde sein wurde.

Hjir en **dêr** kinne dus *yn 'e regel* net brûkt wurde nei lytse net-bûgbere wurdsjes (partikels). In sin as: Bliuw **mar* **dêr**! kin der perfoarst net op troch as dêr ferwiisd wurdt nei immen/ eat *binnen in tekst (taalkontekst)*. As der lykwols *strekrjocht* (fer)wiisd wurdt nei in earder neamde persoan of saak yn in konkrete taalgebrûkssituaasje, dus *bûten in tekst* om, yn in situaasje dy't foar de peteargenoaten bekend is, dan soe men dêr in fraachteken by sette kinne: Bliuw **mar* **dêr**! Yn sa'n direkte, konkrete *werklikheidsituaasje* kin der neffens Hoekstra twivel wêze oft de folchoarder altiten wol sa ferkeard is. Foar in ferwizing nei in plak *binnen in tekst* (taalkontekst) is dy twivel der net en dêr sille wy yn de ûnderwiispraktyk ornaris mei te krijen hawwe.



Dy twivel liket der ek te wêzen as men mei gefoelsklam (emfatysk) de langere wjergaders **hjirre** en **dêre** brûkt. Hoekstra pleatst by sintsjes as: Smyt de bal *ris* **hjirre** (yn it plak fan: **hjirre** *ris*); of: Smyt dy klean *mar* **dêre** (yn pleats fan: **dêre** *mar*) allinnich in fraachteken en gjin stjerke. Hy sjocht dy farianten lykwols as net botte linich en frijwat ûngebrûklik yn it Frysk. Wy kinne se sadwaande mar better skouderje en bûten de taalstandert hâlde.

Hjirre en **dêre** begjinne dan lykwols al wat te lykjen op oare plak- en rjochtingsoantsjuttings dy't wòl efter modale partikels stean kinne: Smyt dy bal *ris* **nei heit** [= dêre]!; Smyt dy klean *mar* **yn 'e waskkoer** [= hjirre]! Soe dat it ferkeard brûken fan **hjir(re)** en **dêr(e)** ek fersterkje? Dat wol my wol oan. Yn in oare *Swingel* noch wat oare gefallen.

Underwiis

Flaters mei **dêr** en **hjir** binne benammen op te heinen út de mûlen fan Hollânsktaligen dy't letter Frysk leard hawwe, mar komme wat langer wat mear ek foar by ús 'Fryskpratende' jongerein. Dêr kinne wy allinnich wat oan dwaan as it probleem sjoen wurdt. Jonge bern soene al safolle geef Frysk hearre moatte dat se de goede folchoarder oanfiele. En it ûnderwiis, benammen it fuortset ûnderwiis, soe **mear tiid** krije moatte om op in didaktysk goede wize de taal*regels* op it rabat te bringen. Dêr kinne jo oan meihelpe troch stiper fan de *Feriening Frysk Underwiis* te wurden. Dy feriening wol op syn minst likefolle tiid foar it Frysk as fak en as ynstruksjetaal as dat der foar it Hollânsk beskikber is. Boppedat moat it Frysk neffens de *FFU* foar alle learlingen in ferplichte eksamenfak wurde. It útgongspunt is dat it Frysk lykweardich en lykberjochtigje oan it Hollânsk heart te wêzen. Dat soe mear mooglikheden jaan om alderlei taalregels (goed) oan te learen. Soks freget no ienris tiid.

11

Yllustraasjes: Janne Heida

De manier wêrop

Henk Wolf

De hûn wêrmei er op jacht giet; it hûs wêryn't er syn earste stapkes set hat; de manier wêrop er te wurk giet. De Fryske standerttaal hat it net sa op sokke formulearringen. Wurden lykas 'wêrmei', 'wêryn't' en 'wêrop' wurde yn ûnderwiislân foargoed ferkettere. It is my net dúdlik wêrom oft dat is. Dy foarnamwurdlike bywurden, sa't sokke wurden hite, komme al ieuwenlang yn it Frysk foar. Yn 'e njoggentjinde ieu sjogge wy se noch fral sûnder de einichste t-klank, dus 'wêrop' ynstee fan 'wêrop't', en dat is hjoeddedei al helendal in sûnde.

At minsken Frysk skriuwe, ferfange se gauris konsekwint alle foarnamwurlike bywurden troch konstruksjes mei 'dêr't'. Soms wol dat prima, lykas by de earste sin fan dizze taalsnipel; 'de hûn dêr't er mei op jacht giet' is poerbêst Frysk. By it twadde foarbyld heart it lykwols al wat minder natuerlik: 'it hûs dêr't er syn earste stapkes yn set hat'. En by it tredde foarbyld jout sa'n ferfanging wol fermaarde bryk Frysk: 'de manier dêr't er op te wurk giet'.

No kin men út de grammatikaboeken gewaarwurde dat foarnamwurdlike bywurden altyd al wol wat formeel wienen. De konstruksje mei 'dêr't' soe wat gewoaner wêze, mar wy ha krekt sjoen dat dy lang net altyd mooglik is.

Hoe rêde wy ús dan yn de ynformele sprektaal? Der binne gâns mooglikheden, mar dêr sinne wy by it skriuwen meast net op. Doch kinne se fertuten dwaan at men perfoarst net in foarnamwurdlik bywurd brûke wol. Lit my ris in pear neame.

Ik begjin mar mei it twadde foarbyld fan hjirboppe. In goed alternatyf soe wêze: 'it hûs dêr't er syn earste stapkes set hat'. Sûnder 'yn' dus. En it tredde foarbyld kin wurde: 'de manier hoe't/sa't er te wurk giet.'

Noch in pear foarbylden út de folkstaal: 'De fleur wêrmei se him temjitte kaam' – 'de fleur sa't se him temjitte kaam'. 'De keamer wêryn it ljocht flikkere' – 'de keamer dêr't it ljocht flikkere' (soenen je hjir it losse wurdsje 'yn' brûke, dan krige de sin in hele oare betsjutting). 'De reden wêrom it projekt net trochgiet' – 'de reden dat it projekt net trochgiet'. 'De dei wêrop se oankaam' – 'de dei dat se oankaam'. 'De ferhalen wêrfan ik sis dat se wier binne' – 'de ferhalen dy't ik sis dat wier binne'. 'De dingen wêrfan se sei dat se dermei dwaande wie' – 'de dingen dy't se dat se dermei dwaande wie' of 'de dingen dat se sei dat se (der)mei dwaande wie'. 'De frou wêrfan ik hoopje dat se komt' – 'de frou dy't ik hoopje dat komt'. 'De manuskripten wêrfan der twa yn Oxford lizze' – 'De manuskripten dy't der twa yn Oxford lizze'. 'By Warten binne smûke sleatsjes wêrop men ride kin' – 'By Warten binne smûke sleatsjes dat men derop ride kin'. 'Se ha dêr fan dat ies wêrmei ik altyd fiskje' – 'Se ha dêr fan dat ies dêr fiskje ik altyd mei'.

List fan ferskillen tusken Frysk en Nederlânsk (fan Jan Popkema):

1. It lidwurd wurdt net brûkt yn in tal gefallen:
   a. by substantiven: *no op kleareljochte maartemoarn*; *wy sille nei stêd*;
   b. by superlativen: *hy is âldst*; *hy rint hurdst*.
   Wat beskiedt krekt it wol of net brûken fan it lidwurd hjirre?
2. De oanspraak yn 'e tredde persoan: *Wat tinkt David sels*? *Wol Heit dat efkes dwaan*? Mar: **Wol bakker my in bôle bringe*? De beheining liket mear pragmatysk as syntaktysk te wêzen. Mar wêr lizze de grinzen?
3. It gebrûk fan it ûnbeskaat foarnamwurd *ien* by substantivearre adjektyf: *Piter, dat wie in sloppen-ien*; *ik haw in readen-ien*. Ik kin in betonnen muorke hawwe, mar kin myn buorman in *bakstiennen-ien* hawwe?
4. De possesive datyf en dêrmei besibbe konstruksjes, dêr't ek by heart: de oergong nei in mear etyske datyf: *Do bruist my dy jonge ûngelokkich*, ,,jij slaat die jongen een ongeluk''. Sjoch fierder de lêzing fan Van Bree.
5. It kwantitative *der* yn Nederlânsk *Ik heb er vijf*, Frysk *Ik ha fiif*. Mei *der* as adverbium, foaral yn de funksje fan ûnderwerp fan plak (repletyf en topysk), is trouwens noch mear anneks; sjoch it stikje fan T. Hoekema yn *Us Wurk* 1983, s. 85 e.f., wêrmei't de saak trouwens noch net útiten is.
6. It omslutende ferhâldingswurd (of: ferhâldingswurd + bywurd) hat it Frysk folle frekwinter as it Nederlânsk: *om maaie hinne*, ,,rond mei''; *by de doarren lâns*, ,,langs de deuren''; *nei it lân ta*, ,,naar het land''.
7. (Yn gearhing mei de helptiidwurden): it foarkommen fan *te* by ynfinitiven: *Dy't dêr komt te sykjen*, ... ,,wie daar komt zoeken, ...'';
   Hy hie in skoftsje lein te harkjen, ,,hij had een poosje liggen luisteren''.
   By it lêste foarbyld falt op dat der yn it presens oerienkomst is: *hy leit te harkjen*, ,,hij ligt te luisteren''.
   Mei in oarsoartich helptiidwurd: *Hy giet te fiskjen*, ,,hij gaat vissen'',
8. Ferskillen lizze der ek yn de distribúsje fan *om* by *te* + ynfinityf: de Friezen smite dêr frijwat royaal mei om, wylst it ABN it eins beheint ta finale beknopte bysinnen. Mar: hoe frij is dat gebrûk yn it Frysk en hoe ûntjout it ABN hem dêryn?
9. It net neamen fan de ynfinitiven yn sinnen as: *It wie mear as tiid om de lampe op (te dwaan)*; *hy hie wakker driuw om nei hûs (te gean)*; *it komt moai gelegen om hjir noch even oer dat tiidwurd gear (te kommen)*.
10. De wurdfolchoarder yn de bysin, dêr't gewoanwei de persoansfoarm achteroan stiet, mar ek mei gâns gefallen fan haadsinoarder. Sipma (1913,92): soks kin as de haadsin in stelde hat dat oantsjut in waarnimming, gefoel of gedachte.
    Dêr slút by oan: de haadsinoarder yn bysinnen fan graadoantsjuttend gefolch en yn finale sinnen mei *dat*, ,,opdat'': *Wy sizze dit dat jimme dêr ris oer neitinke sille*.
11. It ABN skouderet herhelling fan in foarôfgeand sindiel mei in, soms pleonastysk neamd oanwizend wurd: *Onno, dat wie in langliddige jonge*; *op dat stee, dêr hat er wenne*. Of moat dit ferskynsel allinnich op it folkstalige elemint skreaun wurde?
12. Unpersoanlike konstruksjes binne yn it Frysk frijwat frekwinter: *'t Stie dêr kâld te wachtsjen*; *'t lei dêr lekker te sliepen*. Ik tink hjirby ek oan: *It is my slagge*; *soks wol maklik ferjitte*.
13. It gebrûk fan *wurde* as helptiidwurd fan it passivum:

a. it streekbûne tafoegjen fan it mulwurd: *Hy is oerriden wurden*; *de priis is woan woarn*;
b. yn kombinaasje mei *litte*: *dy bern wurde mar rinne litten*.

14. Sinnen fan it type (sa stadichoan in standertfoarbyld): *Praten hâld ik net fan*, wêrby't de ferhâldingswurdkonstruksje opspjalt wurdt en it twadde lid as psychologysk subjekt foarop komt. Kin it foarkommen fan dat type ek beynfloede wêze troch parallelly mei it spjalte foarnamwurdlik bywurd: *dêr hâld ik net fan*?
15. De ymperatyf mei de tredde persoan: *Kom hy hjir mar*; *wês sy mar stil*; *kom Heit hjir mar sitten*. Dêr't sokke sinnen op it aljemint west hawwe, is der trouwens net by sein dat de betsjutting mear noegjend, oantrúnjend as hjittend is.
16. De modale helptiidwurden jouwe ek stof genôch foar ûndersyk. Ik neam in pear punten:
a. Yn: *De bleek moat/mei/kin wolris meand* hoecht *wurde* net te folgjen;
b. ek in ynfinityf kin benefterbliuwe: *hy kin tige*; *wy sille nei stêd*;
c. yn in tal gefallen kinne modale helptiidwurden ek yn de ymperatyf ferskine: *wol it* (*en do kinst*); *moat marris* (*en kin marris net*).
17. Hoewol't Sipma (1948/9 III,69) seit fan it aspekt: ,,It liket oerstallich om der foar it Frysk djipper op yn to gean'', binne dochs op dat mêd ek ferskillen, bgl. *wêze* giet mei *hawwe*; *hy sil to fiskjen*, ,,hij gaat vissen'' (ferl. ek pt. 7); *de wjerljocht hat ynslein*, ,,de bliksem is ingeslagen''.
18. In tal haadwurden yn it Frysk it lidwurd *it* foar Nederlânsk *de* oer en oarsom: *it wang*, *it kin*, *it fabryk*; *de bosk*. In folslein oersjoch ûntbrekt.
19. *As* en *dan* by komparativen en it ferskinen fan 'e objektsfoarm: *hy is grutter as my* (,,*as ik*'', seit Sipma 1948/9 II,51).
20. De dûbelde ûntkenning. De foarbylden dy't dêrfan jûn wurde, besteane út *nea/noait/nearne/nimmen* + *net/gjin*. Troch kombinaasje kin dêr *noch* noch bykomme, mar dan altiten mei lykskikking: *gjin noeden noch soargen*; *út noch yn net*. In part fan de negaasje yn de haadsin kin dan ek noch foarkomme yn de bysin: *hy docht gjin lichten foar't er syn sin net hat*; *hy hie gjin rêst foar't hy net wist hoe't alles tagien wie* (Sytstra & Hof 1925,188).
21. Relativa:
a. it ,,ûnferoarlike relative *dat*'' yn: *ús Jan dat sa'n dogeneat is*; *Pibe-omme en Saske-muoi dat de âlden fan Gabe wiene*;
b. ek fierder it frijer gebrûk fan *dat* en *wat* as yn it ABN: *dat* kin ek bgl. nei *alles* of nei in hiele sin.
22. By bynwurden: kombinaasjes fan wurdgroepen mei *as*, *at* of *dat* as bynwurdlik morfeem: *ik seach hoe moai at it wie*, ,, ... hoe mooi het was''.
23. Hoekema (1963) neamt de syntagmen: *ik haw dêr lân te lizzen*, *hy hat dêr in hûs te stean*, mei *te* + ynfinityf foar ABN allinnich ynfinityf of fuortsettend mulwurd. Yn itselde stik jout er ek: *hy is te gean*, ,,hij is lopende''.
24. De *en* + ymperatyf-konstruksje, dêr't al aardich wat oer skreaun (en wreaun) is, mar dêr't dochs noch net oploste fragen mei mank binne.
25. Mooglikheden en ûnmooglikheden yn de tiidwurdkloft.

Alles byinoar in frijwat bûnte rige fan ûnderwerpen, dy't yn alle gefallen mien hawwe dat dêr, wêr dan ek, fan opmurken is dat it Frysk dêryn fan it ABN ferskilt. Mar fan eins net ien kin sein wurde dat de saak folslein bestudearre of beskreaun is.

Ik ha him sjoen rinnen

Henk Wolf

Elkenien wit wol dat de jeugd langer raar yn ‘e tiidwurden omslacht. Of jeugd? Sels tritigers bekweadigje har njonkelytsen oan sinnen lykas *Is dat de jas dy’tsto juster hast kocht?* en *Wêr soest dat kinne keapje?*

It is net sa dat sokken inkeld mar de folchoarder fan de tiidwurden omdraaie. Se feroarje soms ek de foarm fan it wurd. Sa sille se ynstee fan *Ik hie dat wol dwaan wold* nea sizze: *Ik hie dat wol wold dwaan*. Se sille derfan meitsje: *Ik hie dat wol wolle dwaan*, dus mei *wolle* ynstee fan *wold*. Dat is fansels heel nuver, omdat *wolle* by it helptiidwurd *hie* heart. En dat soarget derfoar dat it haadttiidwurd in ôfslutend mulwurd (‘voltooid deelwoord’) is. Sjoch mar nei: *Ik hie in kassettebantsje kocht* en net: **Ik hie in kassettebantsje keapje*.

At it haadttiidwurd sels ek wer helptiidwurd is fan in oar haadtiidwurd en at it dêr ek nochris lofts fan stiet, lykas yn *Ik hie dat wol wolle dwaan*, dan feroaret it lykwols fan in ôfslutend mulwurd yn in nammefoarm (‘ynfinityf’, ‘onbepaalde wijs’). Dat bart yn it Hollânsk ek: *Ik had dat wel willen doen* en net: **Ik had dat wel gewild doen*. Taalkundigen neame dat ferskynsel IPP, in ôfkoarting fan *Infintivus Pro Participio* (‘nammefoarm ynstee fan mulwurd’).

Yn it moderne Frysk komme ek wol sinnen foar dy’t wol de Hollânske tiidwurdfolchoarder ha, mar gjin IPP. Dy binne lykwols allinnich mooglik mei de tiidwurden *sjoen* en *bleaun*. Dus: *Se is dêr bleaun stean* wurdt wol brûkt, mar *Ik ha him heard sjongen* net. Dat wurdt: *Ik ha him hearre sjongen*.

Wêrom wol de mulwurden *sjoen* en *bleaun*, mar net it mulwurd *heard*? Ik tink dat dat mei de foarm te krijen hat. *Sjoen* en *bleaun* ha net in *-t* oan ‘e ein en lykje dêrtroch in soad op nammefoarmen, lykas *sjen*, *stean* en *slaan*. Yn sokke gefallen is IPP yn de Hollânske folchoarder satliket net ferplichte.

No binne taalkundigen op ‘e siik nei taalregels dy’t minsken by de berte al kinne en dy’t dus yn alle talen foarkomme moatte. Guon taalkundigen ha wol tocht dat der in regel is dy’t seit: as de tiidwurden yn de ‘Hollânske’ folchoarder steane, is IPP ferplichte. It moderne Frysk lit sjen dat dat net sa is. Myn idee is dat dy regel der justjes oars útsjocht: yn de Hollânske tiidwurdfolchoarder is IPP ferplichte AS IT TIIDWURD DERÚT SJEN SOE AS IN ÔFSLUTEND MULWURD. Stipe foar dat idee komt út in Flaamsk dialekt. Dat foarmet mulwurden troch *ge-*foar de stam te setten, krekt as yn it Hollânsk. Dat *ge-* is yn dat dialekt it meast karakteristyk foar mulwurden. Yn dat dialekt kin men sizze: *Hy is weest vissen*, mar net: **Hy is geweest vissen*. It dialekt hat gjin wurd *wezen*, mar wol dit wurdsje *weest* dat gjin *ge-* hat, dus net op in ôfslutend mulwurd liket, en dus gewoan brûkt wurde kin at it lofts stiet fan it haadtiidwurd dêr’t it helptiidwurd fan is.

Imperativus Pro Infinitivo (IPI)
ymperatyf (hitende foarm) ynstee fan ynfinityf (nammefoarm)

Type 1: njonkenskikkend

Hy woe bânplakkersguod keapje en
hy woe syn bân plakke
↓ 1
Hy woe bânplakkersguod keapje en
syn bân plakke (**woe** is it fuortlitten tiidwurd)
↓ 2
Hy woe ~~hi~~ bânplakkersguod keapje en
plak syn bân (**plak** is de IPI)

It fuortlitten tiidwurd moat helptiidwurd wêze yn de earste sin en yn de IPI-sin.
Der moat in hiërargy wêze tusken de earste en de twadde isn.

Type 2: ûnderskikkend

Hy hie der gjin nocht oan (om) nei Maastricht te fytsen.
↓ 1
Hy hie der gjin nocht oan en fyts nei Amsterdam

Omsetting nei in IPI-sin kin allinnich by sinnen mei it bynwurd **om**. Dat hat gjin betsjutting en kin fuortlitten wurde. Sinnen mei it ferhâldingswurd **om** (hat de betsjutting 'mei it doel om' en kin net fuortlitten wurde) kinne net omset wurde nei in IPI-sin. (Hy kaam de auto út om it paad te freegjen.)

In ûnderskikkende IPI kin in ûnderwerp (do, jo, jim, heit, mem, ...) krije as it tiidwurd yn de haadsin:
a. in advys, oantrún of warskôging útdrukt, en
b. yn de notiid stiet.

GOED: Ik ried dy oan en jou **do** heit in boek
FOUT: *Ik rette dy oan en jou **do** heit in boek.
FOUT: *Ik draach dy op en jou **do** heit in boek.

Oersetproblemen

Yn it Nederlânsk en yn it Frysk kinne jo maklik nije wurden meitsje Jo kinne in folslein nij wurd betinke, mar dat wurdt net sa faak dien. Meastal wurdt in wurd liend út in oare taal of besteande wurden wurde kombinearre ta ien nij wurd.

Der wurdt folle mear yn it Nederlânsk praat en skreaun as yn it Frysk. Dêrtroch hat it Nederlânsk in protte nije wurden dy't it Frysk net hat. As jo dan it tekst út it Nederlânsk yn it Frysk oersette wolle, dan moatte jo sels in oersetting betinke. Faak kin dat sûnder probleem, mar net altyd. Dat komt trochdat de regels foar de wurdfoarming yn it Nederlânsk en it Frysk net altyd gelyk binne. As jo in wurd dan letterlik oersette, krije jo nuver Frysk.

Probleemleaze gefallen

Der binne net folle wittenskiplike faktermen yn it Frysk, mar grammatikale termen binne in útsûndering. Dat komt trochdat de taalkunde ien fan 'e pear wittenskippen is dêr't in soad Frysktalige bydragen oan besteane. De folgjende Fryske termen binne frij aardich ynboargere. It binne hast allegear lienoersettingen út oare talen.

Ut it Nederlânsk oerset:
lidwurd, bywurd, foarnamwurd, stelde ('gezegde'), foarheaksel, achterheaksel

Ut it Dútsk oerset:
haadwurd, eigenskipswurd, tiidwurd, ferhâldingswurd, mulwurd, iental, meartal, twilûd

Ut it Deensk oerset:
notiid, doetiid, dantiid

Foar oare wittenskippen binne ek wol Fryske faktermen betocht, mar dêr is folle minder Frysk yn skreaun. Dêrtroch binne se net echt ynboargere, al jouwe in protte wurdboeken se wol. In pear foarbylden binne

balstienliem (Ned. 'keileem')
grûnfersakjen (Ned. 'bodemdaling')
wringedier (Ned. 'gewerveld dier')
nylhoars (Ned. 'nijlpaard')

Foar de polityk binne ek Fryske wurden betocht. Yn 'e polityk is it Frysk de ôfrûne desennia in stik gewoaner wurden, sadat dy termen soms ek goed ynboargere binne. Foarbylden binne:

deputearre, Komsaris fan 'e Kening, Steatekommisje, wolwêzen, boargemaster, gemeenterie, beliedsplan

Probleem 1: it Nederlânske *her-*

It Nederlânsk hat in protte wurden dy't begjinne mei *her-*. Yn it Frysk wurdt dat *her-* ek wol brûkt, bygelyks yn *hertentamen*. Foar in protte Fryskskriuwers is it lykwols te Nederlânsk. Se brûke leaver it foarheaksel *wer-*. Meastal is dat gjin probleem, in hiel soad Nederlânske wurden binne sûnder probleem oer te setten troch *her-* te feroarjen yn *wer-*. Hjirûnder steane in pear foarbylden:

hertrouwen	wertrouwe
herstemmen	werstimme

herindelen	weryndiele

Dat giet soms lykwols wat al te automatysk. Soms is in frijere oersetting in stik natuerliker. Tink oan:

hertrouwen	op 'e nij trouwe, foar de twadde kear trouwe
herstemmen	nochris stimme, de stimming oerdwaan
herindelen	oars yndiele
herhalen	nochris dwaan/sizze
herboren	op 'e nij berne
heroverwegen	nochris yn jo omgean litte

Soms klinkt *werom-* yn it Frysk better as *wer-*:

hervinden	weromfine
herkrijgen	weromkrije

Yn it Nederlânsk ferfalle foarheaksels faak as jo *her-* foar in wurd sette. As jo bygelyks *her-* foar *veroveren* sette, krije jo *heroveren*, net *herveroveren*. It Frysk hat dy regel net. Dat kin maklik misgean. In korrekte oersetting sjocht der dan ek sa út:

heroveren	werferoverje
herenigen	werferienigje

Probleem 2: it Nederlânske *ende(n)*

Yn it Nederlânsk kinst fan in tiidwurd frij maklik in haadwurd meitsje mei de útgong *-ende(n)*. Yn it Frysk komt dy útgong fanâlds net foar. Minsken dy't it Frysk net sa goed behearskje, nimme dat *-ende(n)* soms wol yn it Frysk oer, bygelyks sa:

een woningzoekende	in wenningsykjende
een ziekenverzorgende	in sikefersoargjende
de inzittenden	de ynsittenden
slechhorenden	minhearrenden
de opvarenden	de opfarrenden
een omwonende	in omwenjende
mijn leidinggevende	myn liedingjaande
voor belangstellenden	foar belangstellenden
drie wachtenden	trije wachtsjenden

Dat is gjin moai Frysk. Soms wurdt it Frysk al wat better as jo *-er(s)* brûke ynstee fan *-ende(n)*. By de folgjende wurden soe dat bygelyks wol kinne:

een woningzoekende	in wenningsiker
een ziekenverzorgende	in sikefersoarger/-ster
de inzittenden	de ynsitters
een omwonende	in omwenner
drie wachtenden	trije wachters

Faak is it lykwols noch better om in bytsje kreativiteit te brûken, bygelyks sa:

een ziekenverzorgende	in suster, in broeder, in ferpleechster
de inzittenden	de passazjiers
slechhorenden	minsken mei minne earen
de opvarenden	de lju oan board

een omwonende	in buertgenoat
mijn leidinggevende	myn sjef, myn baas
voor belangstellenden	foar nigethawwers

Probleem 3: selsstannich brûkte mulwurden

Yn it Nederlânsk kinne jo mulwurden hiel maklik selsstannich brûke. Dan binne it haadwurden wurden. Hjirûnder sjogge jo in pear foarbylden:

de aangetrouwden, het uitgedeelde, de verdachte

Dy kinne jo letterlik yn it Frysk oersette:

de oantrouden, it útdielde, de fertochte

No begjinne *oantroud* en *útdield* allebeide mei in foarheaksel. Dan wol soks wol, mar as sa'n foarheaksel ûntbrekt, dan kin in mulwurd yn it Frysk eins net selsstannich brûkt wurde. Dan moatte jo wat oars betinke. Hjirûnder steane in pear mooglike oplossingen:

de getrouwden	de troude minsken
de gestraften	de strafte lju, de bestraften

As in mulwurd yn it Frysk op in *-e* einiget, dan kin it noait selsstannich brûkt wurde. Der moat dan altyd in haadwurd achter of jo moatte it ferfange troch in kreative oersetting. Hjirûnder steane in pear ideeën:

de aangeklaagde	de oanklage persoan
de gedaagde	de dage man/frou, de foarroppene
de geslaagden	de slagge studinten
de gewonden	de ferwûne lju
de verzekerende	de minsken mei in fersekering

Soms binne mulwurden op in *-e* al sa faak brûkt dat se ynboargere binne. Minsken hawwe der dan gjin muoite mear mei. It wurd *deputearre* is dêr in moai foarbyld fan.

Probleem 4: eigenskiplik brûkte mulwurden

Yn it Nederlânsk kinne mulwurden sûnder probleem as eigenskipswurd brûkt wurde. Yn it Frysk wol dat eins allinnich mar as in mulwurd einiget op in *-d* of in *-t*, of as it in wat langer wurd is (twa of mear wurdlidden). De folgjende oersettingen kinne dan ek wol:

de getrouwde mensen	de troude minsken
het gezonken schip	it sonken skip
het afgezette been	de ôfsette skonk

Koarte mulwurden dy't net op *-t* of *-d* einigje passe lykwols net goed. De folgjende oersettingen klinke dan ek raar:

het gewonnen geld	it wûne jild
de gelopen race	de rûne race
de geproefde wijn	de preaune wyn
een gevonden voorwerp	in fûn foarwerp

By sokke oersettingen moatte jo jo fantasy brûke. Soms kinne jo in bysintsje meitsje, soms moatte jo útwike nei in hiel oar wurd. Hjirûnder steane in pear oplossingen:

het gewonnen geld	it prizejild, de jildpriis, it jild dat wûn is
de gelopen race	de foarbye race, de race
de geproefde wijn	de wyn dy't preaun is
een gevonden voorwerp	in weitôge foarwerp, in weromfûn foarwerp

Probleem 5: it Nederlânske *on-*

It Nederlânske foarheaksel *on-* is meastal gewoan oer te setten as *ûn-*, lykas yn de folgjende gefallen:

onaardig	ûnaardich
onvriendelijk	ûnfreonlik
onwaar	ûnwier
onzeker	ûnwis

Foar mulwurden kin it lykwols allinne mar foarkomme as dy mulwurden noch in oar foarheaksel hawwe. De folgjende gefallen kinne dêrom noch wol:

onvertaald	ûnoerset
onontwikkeld	ûnûntwikkele
onbegrepen	ûnbegrepen

Doch sille in protte Friezen hjir leaver *net oerset* en sokke frijere oersettingen brûke.

It foarheaksel *ûn-* kin yn it Frysk net brûkt wurde by mulwurden sûnder foarheaksel. Dêrom binne yn de folgjende gefallen letterlike oersettingen net mooglik. Der wurde in pear kreative ideeën jûn:

ongetrouwd	net troud
ongevraagd	sûnder te freegjen
ongewenst	tsjin it sin

Yn it Frysk komt ek noch *ûnge-* foar. Yn in pear fêste kombinaasjes is dat noch wol gewoan, lykas yn de folgjende gefallen:

ongewassen	ûngewosken
ongeblust	ûngeleske
ongevraagd	ûngefrege
ongewenst	ûngewinske
ongesubsidieerd	ûngesubsidiearre

Lang net elkenien fynt dat lykwols moai en faak wike goede Fryskskriuwers dan ek út nei in kreative, frije oersetting.

Probleem 6: it Nederlânske *-heid*

It Nederlânske achterheaksel *-heid* kin yn it Frysk op twa manieren oerset wurde, as *-ens* en as *-heid*. Yn it Frysk is *-ens* meastal meastal ferplichte nei hiele koarte wurdsjes (fan ien wurdlid), lyks yn *lytsens* (net: *lytsheid*), *sûnens* (net: *sûnens*) en *lilkens* (net: *lilkheid*). By langere wurden kinne *-ens* en *-heid* faak beide brûkt wurde.

No kin in Frysk wurd op *-ens* oan de achterkant net langer makke wurde. Jo kinne der neat mear achter plakken. Dat is by langere wurden meastal gjin probleem. As jo it Nederlânske

werkloosheidscijfers oersette wolle, dan kinne jo *werkloosheid* oersette as *wurkleasheid* en dêr *wurkleasheidssifers* fan meitsje. Jo hawwe lykwols wol in probleem as it Fryske wurd allinnich mar op *-ens* einigje kin. Dan moatte jo wol in omskriuwing brûke. Hjirûnder steane in pear ideeën:

gezondheidsraad	rie foar de sûnens (net: sûnensrie)
boosheidscoach	coach foar opljeppene misken
roodheidsmeting	mjitting fan 'e readens

Sommige wurden, lykas *sûnenssoarch*, binne al sa faak brûkt dat se ynboargere binne. Minsken fine net langer dat se raar klinke.

Ofsluting

Jo hawwe seis problemen sjoen dêr't elkenien dy't Frysk skriuwt wol in kear tsjinoan rint. Jo hawwe in pear oplossingen sjoen. Dy kinne jo fansels oernimme. Brûk lykwols altyd jo taalgefoel. Untwikkelje sels kreative oplossingen en sjoch ris hoe't oaren sokke oersetproblemen baas wurde. Jo Frysk wurdt dêrtroch hieltyd better.